

JOS - - Fryske Bibeloersetting FBO 6

FRYSKE - Bibeloersetting, Jozua_F3, 211201

230202 Import in Paratext van FBO_06Jozua-c1-7_F6 (JF, LdR) door JvD

230213 Import in Paratext van FBO_06Jozua-c8-12_F6 (JF, LdR) door JvD

230223 Import in Paratext van FBO_06Jozua-c13-18_F6 (JF, LdR) door JvD

230223 Import in Paratext van FBO_06Jozua-c19-21F6 (JF, LdR) door JvD

230228 Import in Paratext van FBO_06Jozua-c22-24_F6 (JF, LdR) door JvD

Deze tekstversie is bestemd voor intern gebruik binnen het project FBO

240130 Verwerking van meelezersopmerkingen (F8) en opmerkingen van BP, en (opnieuw) van BW en HS - door LdR.

Jozua

1

God syn opdracht oan Jozua

¹ Nei't Mozes, de tsjinstfeint fan 'e Hear, stoarn wie, sei de HEAR tsjin Jozua, de soan fan Nûn en helper fan Mozes: ² 'Mozes, myn tsjinstfeint, is stoarn. Do moatst dy no klearmeitsje om mei dit hiele folk de Jordaan hjirre oer te stekken nei it lân dat ik harren, de Israeliten, jou. ³ Elk plak dêr't jim de fuotten delsette, haw ik jimme jûn, lykas ik Mozes tasein haw. ⁴ Fan de woestyn en de Libanon ôf oant de grutte rivier, de Eufraat – it hiele lân fan de Hetiten – en oant de grutte see ta, dêr't de sinne ûndergiet, dat sil jimme grûngebiet wêze. ⁵ Der sil nimmen tsjin dy stânhâlde kinne, sa lang asto libbest. Lykas ik Mozes bystien haw, sa sil ik dy bystean. Ik lit dy net yn 'e steek en ferlit dy net. ⁶ Sterk en moedich moatsto wêze, want do silst dit folk it lân ervje litte. Ik haw harren foarâlden sward, harren dit lân te jaan. ⁷ Mar moast tige sterk en moedich wêze. Hannelje altyd neffens de hiele Tora dy't myn tsjinstfeint Mozes dy opdroegen hat. Do meist der net fan ôfwike, net nei rjochts of nei links, sadatsto ynsicht krigest yn de wei dy'tst gean moatst. ⁸ Dit boek fan de Tora moat hieltiten yn dyn tinzen wêze. Resitearje it nacht en dei en hannelje neffens alles wat deryn skreaun stiet. Want sa silst slagje by alles watst ûndernimme silst. ⁹ Ommers, ik haw dy opdroegen: wês sterk en moedich. Wês net benaud en haw gjin eangst, want ik, de HEAR, dyn God, stean dy by, oeral dêr'tsto giest.'

Tariedings foar de ynvaazje

¹⁰ Doe joech Jozua de liederen fan it folk de opdracht: ¹¹ 'Gean it legerkamp troch en jou it folk de opdracht: soargje foar proviand. Want oer trije dagen sille jimme de Jordaan oerstekke om it lân yn te nimmen dat de HEAR, jimme God, jimme yn besit jout.' ¹² Tsjin de Rûbeniten, de Gaditen en de heale stam fan Manasse sei Jozua: ¹³ 'Betink wat Mozes, de tsjinstfeint fan 'e Hear, jimme opdroegen hat: de HEAR, jimme God, jout jimme rêst en sil jimme dit lân jaan. ¹⁴ Jimme froulju, bern en fee sille yn it lân wenje dat Mozes jimme jûn hat oan diskant de Jordaan. Mar jimme, alle heldhaftige krigers, moatte yn slachorder oerstekke, foar jimme bruorren út, om har te helpen ¹⁵ oant de HEAR oan harren rêst jout lykas oan jimme, en sy it lân ek ervje sille dat de Hear, jimme God, harren jout. Dan kinne jimme weromgean nei jimme eigen

lân, dat Mozes, de tsjinstfeint fan 'e Hear, jimme jûn hat oan de eastkant fan de Jordaan, en it yn besit nimme.' ¹⁶ Doe seine se tsjin Jozua: 'Alles watsto ús opdroegen hast, dat dogge wy en oeral dêr'tsto ús hinne stjoerst, dêr sille wy gean.' ¹⁷ Lykas wy altiten nei Mozes harkje hawwe, sa sille wy no nei dy harkje. Wy winskje dy ta dat de HEAR, dyn God, dy stypje sil lykas hy Mozes stipe hat. ¹⁸ Elkenien dy't him tsjin dyn oarders ferset en net nei dyn befele harket, wat dat mar wêze mei, dy sil deade wurde. Wês dêrom sterk en moedich.'

2

Rachab en de spionnen

¹ Hjirnei stjoerde Jozua, de soan fan Nûn, út Sjittim wei yn 't geheim twa manlju út as spionnen en sei tsjin har: 'Jimme moatte it lân en Jericho ferkenne.' Hja giene op 'en paad en fûnen ûnderkommen by in prostituee – hja hiet fan Rachab – en joegen harren dêr del. ² Doe waard oan 'e kening fan Jericho rapportearre: 'Fannacht binne hjir Israeliten kommen om it lân te bespionearjen.' ³ En de kening fan Jericho stjoerde guon nei Rachab mei it befele: 'Nei bûten mei dy manlju dy't by dy yn hûs kommen binne! Want sy binne kommen om it hiele lân te bespionearjen.' ⁴ Mar Rachab naam de beide manlju mei, ferstoppe harren en sei: 'Jawis, dy manlju binne by my kommen, mar ik wist net wêr't se weikamen.' ⁵ Yn 't tsjuster, doe't de poarte slute soe, binne se nei bûten gien. Ik soe net witte wêr't se hinne gien binne. Gean se hurd efternei! No kinne jimme se noch ynhelje.' ⁶ Mar sy hie harren nei it dak brocht en harren ferstoppe ûnder bosken flaaks dy't se op it dak te lizzen hie. ⁷ De manlju giene har efternei, oan de oerstekplakken fan de Jordaan ta. En sa gau't se bûten de stêd wiene, waard de poarte sletten.

De ôfspraak tusken Rachab en de spionnen

⁸ Mar foardat de twa manlju harren deljaan soene, gie sy nei harren ta op it dak. ⁹ Se sei tsjin de manlju: 'Ik wit dat de HEAR jimme it lân jûn hat. Wy binne ús deaskrokken fan jimme. Alle ynwenners fan it lân binne deabenaud foar jimme.' ¹⁰ Want wy hawwe heard hoe't de HEAR it wetter fan de Reidsee foar jimme opdrûgje liet doe't jimme út Egypte fuortgiene. En wat jimme dien hawwe mei de beide keningen fan de Amoriten, oan de oare kant fan de Jordaan, mei Sichon en Og, dy't jimme ferneatige hawwe. ¹¹ Doe't wy dat hearden, ferlearen wy alle moed en waarden út eangst foar jimme ferlamme. Wier, de HEAR, jimme God, is in God dy't regearret boppe yn de himel en hjir op de ierde. ¹² No dan, swar my dochs by de HEAR – no't ik oan jimme trou west haw – dat jimme ek trou binne oan myn famylje. Jou my in betrouber teken. ¹³ Lit myn heit en mem, myn bruorren en susters yn libben en alles wat by harren heart. Rêd ús fan de dea!' ¹⁴ De manlju fersekeren har: 'Wysels steane mei ús libben foar jimme yn, as jimme ús plan mar net ferriede! As de HEAR ús dit lân jûn hat, dan sille wy trou oan dy wêze en kinst op ús oan.'

¹⁵ Sy liet harren oan in tou troch it finster sakje, want har hûs wie yn de bûtenmuorre fan 'e stêd boud. Sy wenne dus yn de muorre. ¹⁶ Doe sei se tsjin har: 'Gean nei it berchlân, oars sille de efterfolgers jimme treffe kinne. Ferstopje jimme dêr trije dagen oant de efterfolgers weromkommen binne. Dêrnei moatte jimme jimme eigen wei gean.' ¹⁷ De manlju seine tsjin har: ¹⁸ 'Wannear't wy yn it lân komme, dan moatsto dizze koarde fan reade tried fêstbine oan it finster dêr'tsto ús troch sakje litten hast. Oars binne wy ûntslein fan de eed, dy'tst ús swarre

litten hast. Dyn heit en mem, dyn susters en bruorren, dyn hiele famylje moastst byinoar bringe by dy yn 'e hûs. ¹⁹ Wa't troch de doar nei bûten giet, is ferantwurdlik foar syn eigen dea, wy geane dan frijút. Mar elkenien dy't by dy yn 'e hûs wêze sil, dêr steane wy foar yn as harren wat oandien wurdt. ²⁰ Mar asto ús plan ferriedst, dan sille wy net mear bûn wêze oan de eed, dy'tst ús swarre litten hast.' ²¹ Sy sei: 'Ik gean akkoard mei wat jimme sein hawwe.' Doe liet se harren gean en giene se fuort. Se bûn de reade koarde oan it finster.

De spionnen rapportearje

²² Dat de manlju giene fuort en kamen yn it berchlân. Se bleaune dêr trije dagen oant de efterfolgers weromkeard wiene. De efterfolgers sochten de hiele wei ôf, mar se fûnen neat.

²³ Doe kearden de twa manlju werom en daalden ôf út it berchlân. Se stutsen de rivier oer en kamen by Jozua, de soan fan Nûn. Se fertelden Jozua alles wat har oerkommen wie ²⁴ en seine tsjin him: 'De HEAR hat ús wier it hiele lân yn hannen jûn. Alle ynwenners fan it lân binne sels deabenaud foar ús.'

3

Israel stekt de Jordaan oer

¹ De oare moarns betiid makke Jozua him klear en sette mei alle Israeliten út Sjittim ôf. Se kamen by de Jordaan en oernachten dêr, foardat se oerstutsen. ² Nei trije dagen giene de liederes fan it folk it legerkamp troch ³ en joegen it folk de opdracht: as jimme de arke fan it ferbûn mei de HEAR, jimme God, sjogge en de Levityske prysters dy't him drage, dan moatte jimme opbrekke fan jimme plak en dêr achteroan gean. ⁴ Lykwols, bliuw op in ôfstân fan sa'n twatûzen jellen, kom der net tichteby. Dan sjogge jimme de wei dy't jimme gean moatte, want jimme binne net earder oer dy wei gien. ⁵ Doe sei Jozua tsjin it folk: 'Reinigje jimme, want moarn sil de HEAR wûnders dwaan yn jimme fermidden.' ⁶ Tsjin de prysters sei er: 'Nim de arke fan it ferbûn op en stek de rivier oer foar it folk út.' Doe namen se de arke fan it ferbûn en giene foar it folk út.

⁷ De HEAR sei tsjin Jozua: 'Hjoed begjin ik dermei om in grut man fan dy te meitsjen yn 'e eagen fan hiel Israel. Sa sille sy witte dat ik dy stypje, sa't ik ek Mozes stipe haw. ⁸ Jou befel oan de prysters dy't de arke fan it ferbûn drage: "Sa gau't jimme by de igge fan de Jordaan kommen binne, moatte jimme yn de rivier stean gean.'" ⁹ Tsjin de Israeliten sei Jozua: 'Kom wat tichterby en harkje nei de wurden fan de HEAR, jimme God.' ¹⁰ En hy ferfolge: 'Hjirtroch sille jimme witte dat de libbene God yn jimme fermidden is en dat hy de Kanaäniten, de Hetiten, de Chiwwiten, de Perizziten, de Girgasjiten, de Amoriten en de Jebûsiten foar jimme út jeie sil. ¹¹ Sjoch, de arke fan it ferbûn fan de Hear fan 'e hiele ierde giet foar jimme út, de Jordaan yn. ¹² Sykje no tolve manlju út, ien út elke stam fan Israel. ¹³ Sa gau as de prysters, dy't de arke fan de HEAR drage, de HEAR fan 'e hiele ierde, har fuotten yn it wetter fan de Jordaan delsette, dan sil de Jordaan ophâlde fan streamen. It wetter sil stean bliuwe as in daam.'

¹⁴ Doe't it folk út har tinten opbriek om de Jordaan oer te stekken, giene de prysters, dy't de arke fan it ferbûn droegen, foar it folk út. ¹⁵ Sa gau as de dragers fan de arke by de Jordaan kamen en de fuotten fan de prysters, dy't de arke droegen, wiet waarden by de wetterkant – beide kanten fan de Jordaan stiene de hiele tiid fan 'e risping ûnder wetter – ¹⁶ doe bleau de bopperin fan de Jordaan stean as in daam, hiel fier dêrwei, by Adam, de stêd dy't deun by

Sartan leit. En it wetter dat nei de see fan de Araba rûn, de Sâltsee, streamde hielendal fuort. It folk stuts oer by Jericho. ¹⁷ De prysters, dy't de arke fan it ferbûn mei de HEAR droegen, bleaune stilstean op it drûge yn it midden fan de Jordaan, wylst hiel Israel oer it drûge gie, oant it hiele folk de Jordaan oerstutsen hie.

4

Tolve stiennen as oantinken

¹ Doe't it hiele folk de Jordaan oerstutsen wie, sei de HEAR tsjin Jozua: ² 'Jimme moatte tolve manlju út it folk nimme, fan elke stam ien, ³ en harren dit opdrage: krij hjir út it midden fan de Jordaan, krekt fan it plak dêr't de prysters steane, tolve stiennen op. Dy moatte jimme meinimme en dellizze op it plak dêr't jimme oernachtsje.' ⁴ Jozua rôp doe tolve manlju dy't er út elke stam fan de Israeliten oanwiisd hie ⁵ en sei tsjin har: 'Gean foar de arke fan de HEAR, jimme God, lâns nei it midden fan de Jordaan. Elk fan jimme moat in stien op it skouder nimme neffens it tal stammen fan de Israeliten. ⁶ Lit dat in tinkteken wêze yn jimme fermidden. As jimme bern dan letter freegje sille: "Wêr binne dy stiennen foar?", ⁷ fertel harren dan: "Omdat it wetter fan de Jordaan ôfsnien waard foar de arke fan it ferbûn mei de HEAR. Doe't dy de Jordaan oerstuts, waard it wetter fan de Jordaan ôfsnien. Dat dizze stiennen binne foar altiten in tinkteken foar de Israeliten.'" ⁸ Doe diene de Israeliten sa't Jozua har opdroegen hie. Sy namen tolve stiennen midden út de Jordaan wei, lykas de HEAR Jozua opdroegen hie, neffens it tal stammen fan de Israeliten. Se namen dy mei nei it kamp dêr't sy oernachtsje soene en leine se dêr del. ⁹ Ek sette Jozua tolve stiennen oerein yn it midden fan de Jordaan, op it plak dêr't de prysters stien hiene dy't de arke fan it ferbûn droegen. Dêr binne sy oant hjoed de dei ta.

¹⁰ De prysters dy't de arke droegen, bleaune yn it midden fan de Jordaan stean oant de opdracht fan de HEAR dy't Jozua oan it folk trochjaan moast, hielendal útfierd wie, neffens alles wat Mozes Jozua al opdroegen hie. It folk stuts sa fluch mooglik oer. ¹¹ Nei't it hiele folk oan de oare kant de Jordaan wie, stuts de arke fan de HEAR oer mei de prysters, en gie foar it folk út. ¹² Ek stutsen de Rûbeniten, de Gaditen en de heale stam fan Manasse yn slachorder oer foar de Israeliten út, lykas Mozes har opdroegen hie. ¹³ Sa'n fjirtichtûzen bewapene mannen stutsen noch foar de arke fan de HEAR oer om te striden yn de flakten fan Jericho. ¹⁴ Dy deis makke de HEAR Jozua in grut man yn de eagen fan hiel Israel en sy hiene ûntsach foar him, sa lang as er libbe, lykas se dat foar Mozes hân hiene.

¹⁵ De HEAR hie tsjin Jozua sein: ¹⁶ 'Jou de prysters dy't de arke fan it tsjûgenis drage, opdracht om út de Jordaan te kommen.' ¹⁷ Dêrop hiet Jozua de prysters: 'Kom út de Jordaan.' ¹⁸ De prysters dy't de arke fan it ferbûn mei de HEAR droegen, kamen doe út it midden fan de Jordaan en sa gau as se de fuotten optilden en op it drûge setten, streamde it wetter fan de Jordaan werom op syn plak, lykas dêrfoar tusken de iggen.

¹⁹ It folk kaam út de Jordaan op de tsiende fan de earste moanne en se sloegen harren kamp op yn Gilgal, oan de eastgrins fan Jericho. ²⁰ En dy tolve stiennen, dy't se meinommen hiene út de Jordaan, sette Jozua oerein by Gilgal. ²¹ Hy sei tsjin de Israeliten: 'As jimme bern letter freegje: "Wêr binne dy stiennen foar?", ²² dan moatte jimme se fertelle dat Israel hjir, oer it drûge, de Jordaan oerstutsen is. ²³ De HEAR, jimme God, hat de Jordaan foar ús drûch falle litten oant jimme oerstutsen wiene, lykas de HEAR, jimme God, dat ek by de Reidsee dien hat, dy't hy foar ús drûchfalle liet, oant wy dy oerstutsen wiene. ²⁴ Want alle folken fan it lân moatte witte

hoe machtich de HEAR is en jimme moatte altiten ûntsach hawwe foar de HEAR, jimme God.'

5

Besnijenis fan in nije generaasje Israeliten yn Gilgal

¹ Doe't alle keningen fan de Amoriten west fan 'e Jordaen en alle keningen fan de Kanaäniten by de see hearden, dat de HEAR de Jordaen drûchmakke hie foar de Israeliten oant se oerstutsen wiene, doe draaide it hert harren om yn it liif en krigen se it fanwegen de Israeliten slim benaud.

² De HEAR sei ek tsjin Jozua: 'Meitsje dy messen fan fjoerstien en besnij de Israeliten op 'e nij, foar de twadde kear.' ³ Doe makke Jozua him fjoerstiennen messen en hy besnie de Israeliten op de Foarhûdeheuvel. ⁴ Hjirom hat Jozua har besnien, om't alle striidbere manlju dy't út Egypte ôfreizge wiene, ûnderweis yn de woestyn stoarn wiene. ⁵ Want fan it hiele folk dat ôfreizge út Egypte wei, wiene de manlju besnien, mar alle mannen dy't ûnderweis yn de woestyn berne wiene, hiene se net besnien. ⁶ Want fjirtich jier hiene de Israeliten troch de woestyn reizge oant alle striidbere manlju stoarn wiene. Hja hiene net harke nei de HEAR. Harren hie de HEAR sward, dat hy har it lân net sjen litte soe, dêr't er harren foarâlden fan tasein hie, dat hy it ús jaan soe: in lân dat oerrint fan molke en huning. ⁷ It binne harren soannen dy't hy yn harren plak stelde; dy hat Jozua besnien, om't se dat ûnderweis net dien hiene.

⁸ Nei't alle manlju besnien wiene, bleaune se yn it kamp oant se wer better wiene. ⁹ Doe sei de HEAR tsjin Jozua: 'Hjoed haw ik de skande fan Egypte fan jimme ôfnommen.' Dêrom wurdt dit plak Gilgal neamd oant hjoed de dei ta.

Earste Peaske yn Kanaän

¹⁰ Doe't de Israeliten yn it kamp wiene, fierden se jûns op de fjirtjinde dei fan dy moanne Peaske, yn de flakten fan Jericho. ¹¹ En deis nei Peaske ieten se fan de opbringst fan it lân: ûnsuorre bôle en roastere nôt, dyselde dei noch. ¹² It manna hold op, de deis nei't se fan de opbringst fan it lân iten hiene. Dat der wie nea gjin manna mear foar de Israeliten. Se ieten dat jier fan de opbringst fan it lân Kanaän.

Jozua en de oanfierder fan it leger fan de HEAR

¹³ Doe't Jozua tichtby Jericho wie en omheech seach, seach er ynienen flak foar him in man stean, mei in swurd yn 'e hân. Jozua gie nei him ta en sei tsjin him: 'Hearsto by ús of by ús fijannen?' ¹⁴ 'By gjin fan beide,' sei de man, 'ik bin de oanfierder fan it leger fan de HEAR. Dêrom bin ik kommen.' Doe liet Jozua him foaroer falle, mei syn gesicht nei de grûn en sei tsjin him: 'Wat hat myn hear tsjin syn tsjinstfeint te sizzen?' ¹⁵ Doe sei de oanfierder fan it leger fan de HEAR tsjin Jozua: 'Doch dyn sandalen fan 'e fuotten, want it plak dêr'tsto op stiest, is hillich.' En Jozua die it.

6

Jericho ynnommen en ferneatige

¹ Jericho hie de poarten tichtdien en goed ôfskoattele foar de Israeliten. Nimmen koe deryn of derút. ² De HEAR sei tsjin Jozua: 'Ik jou dy Jericho yn hannen, tegearre mei har kening en

moedige striders. ³ Alle striidbere manlju moatte ien kear om de stêd hinne gean; doch dat seis dagen efterinoar. ⁴ Sân prysters moatte elk in rammehoarn drage en foar de arke út gean. De sânde deis moatte jimme sân kear om de stêd hinne rinne en de prysters moatte dan op harren rammehoarnen blaze. ⁵ Dan moat der in lange toan op de hoarn blaasd wurde. As jimme dat lûd fan de rammehoarn hearre, moat it hiele folk lûd skreauwe en sil de stedsmuorre ynstoarte. Elkenien moat deroer hinne gean fan it plak ôf, dêr't er dan is.' ⁶ Doe rôp Jozua, de soan fan Nûn, de prysters en sei tsjin har: 'Til de arke fan it ferbûn op. Sân prysters, elk mei in rammehoarn, moatte foar de arke fan de HEAR út gean.' ⁷ Tsjin it folk sei er: 'Gean nei de stêd, rin der om hinne en lit de bewapene striders foar de arke fan de HEAR út gean.'

⁸ Sa't Jozua it folk opdroegen hie, waard it dien. Sân prysters namen de rammehoarn op foar de HEAR en sy giene foarút en blaasden op de rammehoarnen, wylst de arke fan it ferbûn mei de HEAR efter harren oan kaam. ⁹ De bewapene striders giene foar de prysters út dy't op de rammehoarnen blaasden en de efterhoede rûn efter de arke, wylst der oanienwei op de rammehoarnen blaasd waard. ¹⁰ Jozua hie it folk befel jûn: 'Net roppe. Jimme stim mei net heard wurde en der mei neat sein wurde, oant it momint dat ik jimme it befel jou: Skreau! Dan moatte jimme skreauwe.' ¹¹ Dêrnei liet er de arke fan de HEAR ien kear om de stêd hinne gean. Nei't se yn it kamp oankommen wiene, oernachten se dêr. ¹² Jozua kaam de folgjende moarns betiid fan it bêd en de prysters tilden de arke fan de HEAR op. ¹³ De sân prysters dy't elk in rammehoarn droegen, giene foar de arke fan de HEAR út en blaasden ûnder it rinnen op de rammehoarnen. De bewapene striders rûnen foar har út en de efterhoede rûn efter de arke fan de HEAR oan, wylst der oanienwei op de rammehoarnen blaasd waard. ¹⁴ De twadde deis rûnen se ek ien kear om de stêd hinne. Dêrnei giene se wer nei it kamp werom. Dat diene se seis dagen efterinoar.

¹⁵ De sânde deis kamen se betiid fan it bêd, sa gau as de sinne opkaam, en rûnen sân kear yn dyselde oarder om de stêd. Allinne dy dei rûnen se sân kear om de stêd. ¹⁶ Doe't dan de prysters foar de sânde kear op de rammehoarnen blaasden, sei Jozua tsjin it folk: 'Skreau! Want de HEAR hat jimme de stêd yn hannen jûn. ¹⁷ De stêd sels mei alles wat dêryn is, is foar de HEAR en moat ferneatige wurde. Allinne Rachab, de hoer, mei yn it libben bliuwe, hjasels en allegearre dy't by har yn 'e hûs binne, om't sy ús ferkenneren ferburgen hat. ¹⁸ Mar jimme moatte ôfbliuwe fan wat ûnder de ban leit. Hâld neat dêrfan foar jimme sels. Oars soene jimme it kamp fan Israel oan de ferneatiging oerjaan en yn it ûngelok stoarte. ¹⁹ Al it sulver en goud en al it koperen en izeren guod is wijd oan de HEAR. It moat by de skat fan de HEAR komme.' ²⁰ Doe skreaude it folk en se blaasden op de rammehoarnen.

Sa gau as it folk it lûd fan de rammehoarnen hearde, skreauden se lûd en de muorre stoarte yn. Elk klom der oerhinne, en se namen de stêd yn. ²¹ Doe deaden se alles wat yn de stêd wie mei it swurd, manlju en froulju, jong en âld, oant en mei ko, skiep en ezel, en brochten it sa ûnder de ban.

Rachab en famylje wurde sparre

²² Tsjin de beide manlju dy't it lân ferkend hiene, sei Jozua: 'Gean nei it hûs fan dy hoer en helje har nei bûten: hjasels en allegearre dy't by har hearre, lykas jimme har swurd hawwe.'

²³ Doe giene de ferkenneren op 'en paad en hellen Rachab, har heit en mem, bruorren en allegearre dy't by har hearden, op. Har hiele famylje hellen se op en se joegen har in plak om te rêsten bûten it kamp fan Israel. ²⁴ De stêd lykwols en alles wat dêryn wie, ferbrânden se. Allinne

it sulver en goud en al it koperen en izeren guod diene se by de skat fan it hûs fan de HEAR.

²⁵ Mar Rachab, de hoer, har famylje en allegearre dy't by har hearden, liet Jozua libje. Hja hat altiten yn it fermidden fan Israel wenne, om't se de mannen ferburgen hie, dy't Jozua opdracht jûn hie om Jericho te ferkennen.

²⁶ Op dy dei swarde Jozua dizze eed: 'Ferklokt mei de flok fan de HEAR de man dy't it weaget om dizze stêd Jericho wer op te bouwen.

As hy de fûneminten leit, kostetet him dat syn âldste soan.

As hy in poarte bout, syn jongste.'

²⁷ En de HEAR stipe Jozua en syn namme waard bekend yn it hiele lân.

7

It fergryp fan Achan en syn straf

¹ Mar de Israeliten fergriepen har oan wat ferneatige wurde moast. Achan, de soan fan Karmy, de soan fan Sadby, de soan fan Sêrach út de stam Juda, naam fan it guod dat ferbean wie. Dat de HEAR waard poerliik op de Israeliten.

² Jozua stjoerde manlju fan Jericho nei Ai ta, dat by Bet Aven leit, eastlik fan Bet-El, en sei tsjin har: 'Jimme moatte dêr hinnegean om it lân te ferkennen.' De manlju giene derhinne en ferkenden Ai. ³ Doe't se by Jozua weromkamen, seine se tsjin him: 'Lit net it hiele folk dêrhinne gean, mar stjoer sa'n twa- of trijetûzen man om Ai te ferslaan. Meitsje it hiele folk net wurch troch dêrhinne te gean, want se binne mar minmachtich.' ⁴ Sa'n trijetûzen manlju út it folk giene dêrhinne, mar sy sloegen op de flecht foar de manlju fan Ai. ⁵ De manlju fan Ai deaden sa'n seisentritich man en efterfolgen har fan bûten de poarte ôf oant Sjebarim ta. Sy deaden har op 'e berchskeante. Doe sakke it folk de moed yn de skuon en sy krigen it tige benaud en wiene har ried te'n ein.

⁶ Jozua skuorde syn mantel en liet him foaroer falle foar de arke fan de HEAR en mei de âldsten fan Israel bleau er lizzen oant de jûn ta. Se smieten stof op harren holle. ⁷ Doe rôp Jozua út: 'HEAR God, wêrom hawwe jo dit folk dochs de Jordaan oerstekke litten? Om ús yn 'e macht fan de Amoriten te jaan en omkomme te litten?! Hiene wy mar besletten om oan de oare kant de Jordaan te bliuwen! ⁸ HEAR, wat moat ik sizze no't Israel foar syn fijannen flechtsje moast? ⁹ As de Kanaäniten en alle ynwenners fan it lân dat hearre, sille se har tsjin ús keare en ús fan de ierde útrûgje. En hoe komt it dan mei jo grutte namme?'

¹⁰ 'Kom oerein', sei de HEAR tsjin Jozua, 'wêrom leisto dêr foaroer? ¹¹ Israel hat him misholden en myn ferbûn dat ik harren opdroegen hie, brutsen. Sy hawwe fan it ferbeane guod nommen. Ja, stellen en efterholden, en it ek noch by har eigen guod set. ¹² Dêrom sille de Israeliten it tsjin har fijannen net hâlde kinne. Sy sille foar harren fijannen flechtsje moatte, om't se no sels foar de ferneatiging ornearre binne. Ik sil jimme net langer stypje, as jimme it guod net út jimme fermidden fuortdwaan. ¹³ Kom oerein! Moatst der foar soargje dat it folk him neffens de regels reiniget en harren sizze: Reinigje jimme foar moarn, want dit hat de HEAR, de God fan Israel sein: Der is guod yn jimme fermidden, Israel, dat ferneatige wurde moat. Jimme sille it net hâlde kinne tsjin jim fijannen oant jimme dat guod út jimme fermidden fuortdien hawwe. ¹⁴ Jimme moatte jimme moarnier opstelle neffens jimme stammen. En de stam dy't de HEAR oanwize sil,

moat him opstelle neffens de famyljes, en de famylje neffens de húshâdingen. De húshâding dy't de HEAR oanwize sil, moat him opstelle, man foar man. ¹⁵ Wa't dan oanwiisd wurdt foar it guod dat ferneatige wurde moast, moat ferbrând wurde. Hysels en alles wat er hat, om't er it ferbûn fan de HEAR skeind hat en in skandlik stik yn Israel útheefd hat.' -

¹⁶ Jozua gie de oare moarns betiid fan 't bêd en hy liet Israel opstelle neffens harren stammen. De stam fan Juda waard keazen. ¹⁷ Hy liet de famyljes fan Juda opstelle en de famylje fan Sarchy waard keazen. Doe't er de famylje fan Sarchy man foar man opstelle liet, waard Sabdy keazen. ¹⁸ Doe't er dy syn húshâding man foar man opstelle liet, waard Achan, soan fan Karmy, soan fan Sabdy, soan fan Sêrach fan 'e stam fan Juda keazen. ¹⁹ Dêrop sei Jozua tsjin Achan: 'Myn soan, jou de HEAR, de God fan Israel, dochs de eare, jou him tank en sis my dochs wat'sto dien hast. Hâld it net ferburgen foar my.' ²⁰ Achan antwurde Jozua: 'Wier, ik bin it, ik haw my misdroegen tsjinoer de HEAR, de God fan Israel. It folgjende haw ik dien: ²¹ Ik seach by de bút in kostbere mantel út Sineär, twahûndert sikkels sulver en in stêf goud mei in gewicht fan fyftich sikkels. Dat woe ik perfoarst hawwe en naam it mei. It leit allegear yn myn tinte ûnder de grûn ferburgen, mei it sulver ûnderop.'

²² Doe stjoerde Jozua boaden út. Dy draafden nei de tinte ta, en ja, it lei ferburgen yn syn tinte mei it sulver ûnderop. ²³ Hja namen it mei út de tinte en brochten it nei Jozua en alle Israeliten en smieten it del foar de HEAR. ²⁴ Dêrop naam Jozua, en hiel Israel, Achan, de soan fan Sêrach, mei it sulver, de mantel en de gouden stêf, syn soannen en dochters, syn kij, ezels, skiep en geiten, syn tinte, alles wat fan him wie, en se brochten har nei de delling fan Achor. ²⁵ Doe sei Jozua: 'Wat hasto in leed oer ús brocht. No sil de HEAR leed oer dy bringe.' Dêrop stiennige hiel Israel Achan en syn famylje, se ferbrânden har en smieten stiennen oer har. ²⁶ Hja smieten in grutte bulte stiennen boppe-op him dy't der hjoed de dei noch stiet. Doe bekaam de HEAR fan syn grutte liikens. Dêrom hawwe se dat plak de namme jûn fan 'Achordelling' oant hjoed de dei ta.

8

Ai ynnommen en ferneatige

¹ De HEAR sei tsjin Jozua: 'Wês net bang en lit dy net ûntmoedigje. Nim alle striidbere manlju mei dy mei, meitsje dy klear en gean los op Ai. Silst sjen, ik jou dy de kening fan Ai, syn folk, syn stêd en syn lân yn hannen. ² Do moatst mei Ai en syn kening dwaan, lykasto mei Jericho en syn kening dien hast. Allinne syn bút en syn fee meie jimme sels bút nimme. Do moatst in mûklaach lizze oan de efterkant fan de stêd.'

³ Jozua makke him dus klear mei it hiele leger om op Ai los te gean. Hy keas tritichtûzen dappere mannen út en stjoerde harren nachts fuort. ⁴ 'Tink derom,' hiet er har, 'stel jimme ferdekt op oan de efterkant fan de stêd. Gean net te fier fan de stêd ôf en hâld jimme allegearre ree. ⁵ Iksels sil mei al myn manskippen tichteby de stêd komme. As se dan in útfal nei ús dwaan, lykas earder, dan sille wy foar har op 'e flecht slaan. ⁶ Sy sille ús dan efterfolgje en sa lokje wy har de stêd út. Want se sille sizze: Se slaan foar ús op 'e flecht, krekt as de earste kear. As wy dan foar har fuortdrave, ⁷ komme jimme út jimme mûklaach tefoarskyn en nimme de stêd yn besit. De HEAR, jimme God, sil jimme dy yn hannen jaan. ⁸ Nei't jimme dan de stêd ynnommen hawwe, moatte jimme dy yn 'e brân stekke, sa't de HEAR opdroegen hat. Dat is myn bevel.'

⁹ Doe stjoerde Jozua harren fuort. Hja giene nei 't plak fan de mûklaach en joegen har temûk del

tusken Bet-El en Ai, west fan Ai. Jozua bleau dy nacht oer by it folk.

¹⁰ De oare moarns betiid kaam Jozua fan 't bêd en ynspekterre it folk. Doe gie er mei de âldsten fan Israel foar it folk út nei Ai. ¹¹ Al syn manskippers teagen op en kamen tichterby, foar de stêd oer en namen stelling yn oan de noardkant fan Ai. De delling wie tusken har en Ai yn. ¹² Doe naam Jozua fiiftûzen man en stelde har ferdekt op tusken Bet-El en Ai, westlik fan 'e stêd. ¹³ Sa wiene se groepearre: it hiele leger oan de noardkant fan 'e stêd en de efterhoede westlik fan 'e stêd. Dy nacht teach Jozua mei syn manskippers de delling troch. ¹⁴ Doe't de kening fan Ai dat seach, makken de manlju fan de stêd haast: betiid makken hy en syn hiele folk harren klear en setten foar de striid op de Israeliten ta, nei in beskate plak foar de delling fan 'e Jordaan oer. Mar hy hie gjin weet fan de manlju dy't har efter de stêd ferdekt opsteld hiene. ¹⁵ Jozua en alle Israeliten lieten harren weromdriuwe en flechten foar harren út yn 'e rjochting fan de woestyn. ¹⁶ Doe rôpen se hiel it folk dat yn de stêd Ai wie op om harren efternei te gean. Se efterfolgen Jozua en waarden sa fuort lokke by de stêd wei. ¹⁷ Der bleau gjinien oer yn Ai en Bet-El, elkenien siet de Israeliten efternei. Se lieten de stêd iepen en efterfolgen de Israeliten.

¹⁸ De HEAR sei tsjin Jozua: 'Stek de spear dy'tsto yn 'e hân hast út nei Ai, want ik jou dy de stêd yn hannen.' Doe stuts Jozua de spear, dy't er yn 'e hân hie, út nei de stêd. ¹⁹ De manlju dy't harren ferdekt opsteld hiene, kamen fluch oerein fan harren plak en begûnen te draven sa gau't er de hân útstuts. Se kamen yn de stêd, namen dy yn en stutsen de stêd daliks yn 'e brân. ²⁰ Doe't de manlju fan Ai har omkearden, seagen se ynienen reek út de stêd omheech gean nei de himel. Se woene flechtsje, mar koene gjin kant út omdat de manskippers dy't nei de woestyn flechte wiene, har nei de efterfolgers ta omkearden.

²¹ Jozua en alle Israeliten seagen dat de manlju dy't harren ferdekt opsteld hiene, de stêd ynnommen hiene en dat der reek omheech kaam út de stêd. Sy kearden har doe om en fersloegen de manlju fan Ai. ²² De oaren kamen de stêd út harren temjitte, dat se wiene oan alle kanten ynsletten troch de Israeliten. Dy brochten har om sûnder dat ien fan harren ûntsnappe of flechtsje koe. ²³ Mar de kening fan Ai pakten se libben en se brochten him nei Jozua.

²⁴ Doe't de Israeliten klear wiene mei it deadzjen fan alle ynwenners fan Ai yn it fjild en yn de woestyn, dêr't se har efterfolge hiene, en elkenien, oant de lêste man ta, oan it swurd spytst hiene, kearden alle Israeliten har om nei Ai en deaden de rest fan de ynwenners mei it swurd. ²⁵ Tolvetûzen minsken kamen om dy deis, manlju en froulju, allegearre ynwenners fan Ai.

²⁶ Jozua luts syn hân mei de spear, dy't er útstutsen hie, net yn oant er alle ynwenners fan Ai ferneatige hie. ²⁷ Allinnich it fee en it guod út de stêd hawwe sy foar harren sels bútt nommen neffens de opdracht fan de HEAR, dy't er Jozua jûn hie. ²⁸ Jozua ferbrânde Ai en makke der foar altiten in púnfal fan, in woeste plak, oant hjoed de dei ta. ²⁹ De kening fan Ai lykwols hong er op oan in beam, oan 'e jûntiid ta. En doe't de sinne ûndergie, hiet Jozua om syn lichem del te heljen. Sy smieten dat doe del by de yngong fan de stedspoarte, dêr't se der in grutte bulte stiennen oerhinne setten/oprjochten, dy't der hjoed de dei noch is.

Jozua fernijt it ferbûn op de berch Ebal

³⁰ Jozua boude in alter foar de HEAR, de God fan Israel, op de berch Ebal, ³¹ krekt as Mozes, de tsjinstfeint fan 'e Hear, de Israeliten opdroegen hie, en lykas it opskreaun wie yn de Tora fan Mozes: it wie it alter fan hiele stiennen, dy't net mei izer bewurke wiene. Doe brochten se dêr brânoffers foar de HEAR en joegen him fredeoffers. ³² En Jozua skreau dêr op de stiennen in kopy fan de Tora fan Mozes. Hy skreau dat op wylst de Israeliten taseagen. ³³ Hiel Israel, frjemd

sawol as eigen folk, har âldsten, de liederen en har rjochters, stiene oan beide kanten fan de arke, foar de Levityske prysters oer, dy't de arke fan it ferbûn fan de HEAR droegen. In helte foar de berch Gearizim oer en in helte foar de berch Ebal oer. Sa hie Mozes, de tsjinstfeint fan 'e Hear, al earder opdroegen it folk Israel te seinigjen. ³⁴ Dêrnei lies Jozua alle wurden fan de Tora op, de seine en de flok, alles wat der skreaun is yn it boek fan de Tora. ³⁵ Der wie gjin wurd fan alles wat Mozes opdroegen hie, dat Jozua net foarlies foar de hiele mienskip fan Israel, mei de froulju, bern en de frjemdlingen dy't yn har fermidden wiene.

9

De Chiwwiten út Gibeön rêde harsels mei in list

¹⁻² Doe't alle keningen oan 'e westkant fan de Jordaan dat hearden – de keningen yn it berchlân, yn de flakte en hiel de kust fan de Grutte See oan de Libanon ta – kamen se byinoar om mei-inoar as ien man tsjin Jozua en Israel te striden. It wiene de keningen fan de Hetiten, de Amoriten, de Kanaäniten, de Perizziten, de Chiwwiten en de Jebûsiten.

³ Mar doe't de Chiwwiten út Gibeön hearden wat Jozua dien hie mei Jericho en Ai, ⁴ betochten sy sels ek in list. Se setten ôf en diene as wiene se boaden. Op har ezels namen se fersliten tassen en skuorde en wer opknappe wynsekken mei. ⁵ Fersliten en oplape sandalen hiene se oan 'e fuotten dien en âlde klean om harren lea. De bôle dy't se as iten meinommen hiene, wie hielendal útdrûge en ferkrommele. ⁶ Sa giene se nei Jozua yn it kamp Gilgal ta en seine tsjin him en de Israeliten: 'Wy binne út in fier lân kommen. Slút in ferbûn mei ús.' ⁷ De Israeliten seine tsjin de Chiwwiten: 'Mar miskien wenje jimme wol tichteby. Hoe kinne wy dan in ferbûn mei jimme slute?' ⁸ Doe seine dy manlju tsjin Jozua: 'Wy binne jo tsjinstfeinten.' 'Wa binne jimme en wêr komme jimme wei?', reagearre Jozua. ⁹ 'Ut in hiel fier lân binne jo tsjinstfeinten kommen', seine se tsjin him, 'fanwege de reputaasje fan de HEAR, jo God. Want wy hawwe it nijs oer him heard: alles wat er dien hat yn Egypte, ¹⁰ en alles wat er dien hat mei de beide keningen fan de Amoriten, oan de oare kant de Jordaan: mei Sichon, de kening fan Chesbon en mei Og, de kening fan Bazan, dy't yn Asjarot wenne. ¹¹ Dat de âldsten en alle ynwenners fan ús lân seine tsjin ús: "Jimme moatte iten meinimme foar ûnderweis en harren temjitte gean en tsjin harren sizze: wy binne jimme tsjinstfeinten. Slút in ferbûn mei ús." ¹² Dizze bôle fan ús wie waarm doe't wy it fan hûs meinamen om jimme temjitte te gean. Sjoch no ris: it is útdrûge en ferkrommele. ¹³ Sjoch dizze wynsekken ris, doe't wy se folle wiene se nij, mar no binne se skuord. Dizze skuon fan ús en ús klean: se binne fersliten troch de freeslik lange reis.' ¹⁴ Doe priuwden de manlju wat fan har iten, mar se fregen net nei wat de HEAR sei. ¹⁵ Jozua sleat in fredeferbûn mei har, dat er har yn libben litte soe. En de liederen fan de mienskip befêstigen dat mei in eed.

¹⁶ Mar trije dagen neidat se in ferbûn mei har sletten hiene, hearden se dat it har buorlju wiene, dy't tichteby har wenne. ¹⁷ Dat de Israeliten brutsen op de tredde dei op en kamen by harren stêden. Dat wiene Gibeön, Kefira, Beërot en Kirjat-Jeärim. ¹⁸ De Israeliten deaden harren lykwols net, want alle liederen fan de mienskip hiene harren in eed sward by de HEAR, de God fan Israel. De hiele mienskip prottele op de liederen, ¹⁹ mar alle liederen seine tsjin de hiele mienskip: 'Wy hawwe harren in eed sward by de HEAR, de God fan Israel, en dêrom kinne wy harren no neat meitsje. ²⁰ Sa sille wy mei harren dwaan: Wy litte harren yn libben sadat der gjin lilken oer ús komt fanwegen de eed dy't wy har sward hawwe.' ²¹ De liederen ferfolge: 'Se sille yn libben bliuwe, mar houthakkers en wetterputters foar de hiele mienskip wêze.' Sa holden de liederen

har oan harren eed.

²² Jozua rôp de Chiwwiten by him en sei tsjin harren: ‘Wêrom hawwe jimme tsjin ús liigd troch te sizzen: ‘Wy wenje in hiel ein fan jimme ôf’, wylst jimme eins tichteby ús wenje?’ ²³ Dêrom rêst der no in flok op jimme: Jimme sille altiten tsjinstfeinten wêze: houthakkers en wetterputters foar it hûs fan myn God.’ ²⁴ Doe antwurden se Jozua: ‘It wie ús al dúdlik sein, wat de HEAR, jo God, oan Mozes, syn tsjinstfeint, opdroegen hie jimme it hiele lân te jaan en alle ynwenners fan it lân foar jimme út te rûgjen. Dat wy wiene om jimme tige benaud foar ús libben. Dêrom hawwe wy dit dien. ²⁵ No is ús libben yn jo hân. Doch mei jo tsjinstfeinten wat jo goed en rjocht fine om te dwaan.’ ²⁶ Dat die Jozua en rêde har sa út hannen fan de Israeliten, sadat dy har net deaden. ²⁷ Jozua stelde harren dy deis oan as houthakkers en wetterputters foar de mienskip en foar it alter fan de HEAR, op it plak dat de HEAR útkieze soe. Dat binne se oant hjoed de dei ta.

10

De sinne stiet stil by de slach yn Gibeön

¹ Doe hearde Adonisêdek, de kening fan Jeruzalim, dat Jozua Ai ynnommen en folslein ferneatige hie, dat er krekt mei Ai en syn kening dien hie as er mei Jericho en syn kening dien hie, en dat de ynwenners fan Gibeön frede sletten hiene mei Israel en yn har fermidden wenne.

² Se waarden deabenaud, want Gibeön wie in grutte stêd, like grut as de keninklike stêden, sels grutter as Ai, en al syn manlju wiene betûfte striders. ³ Doe stjoerde Adonisêdek, de kening fan Jeruzalim, boadskippers nei Hoham, de kening fan Hebron, nei Piram, de kening fan Jarmût, nei Jafia, de kening fan Lakisj en nei Debir, de kening fan Eglon en frege harren: ⁴ Jimme moatte komme om my te helpen om Gibeön te ferslaan, want sy hawwe frede sletten mei Jozua en de Israeliten. ⁵ Doe bondelen de fiif Amorityske keningen har krêften – de kening fan Jeruzalim, fan Hebron, fan Jarmût, fan Lakisj en fan Eglon – en teagen mei al harren legers op. Se sloegen it belis foar Gibeön en setten de oanfal yn.

⁶ Doe stjoerden de manlju fan Gibeön in boadskip nei Jozua yn it kamp Gilgal: Lit ús net sitte. Kom gau nei ús ta en rêd ús. Help ús, want alle Amorityske keningen út it berchlân hawwe har krêften tsjin ús bondele. ⁷ Jozua sette ôf út Gilgal, mei it hiele leger, allegearre dappere striders. ⁸ En de HEAR sei tsjin Jozua: ‘Wês net benaud foar harren, want ik haw harren yn dyn hân jûn. Net ien fan harren sil it tsjin dy hâlde kinne.’ ⁹ Neidat er de hiele nacht út Gilgal wei trochmarsjearre hie, kaam Jozua harren oer it mêd. ¹⁰ En de HEAR brocht harren yn ûnstjoer foar de Israeliten, en sy brochten harren yn Gibeön in grutte slach ta en efterfolgen harren op de wei omheech nei Bet-Choaron. En sy fersloegen harren oant Azeka en oant Makkeda ta.

¹¹ Doe't se op harren flecht foar Israel de pas fan Bet-Choaron nei Azeka delkamen, liet de HEAR grutte hagelstiennen út de himel op har falle, dat se stoaren. Der stoaren mear troch de hagelstiennen, as dat der deaslein wiene mei it swurd fan de Israeliten. ¹² Op dy dei dat de HEAR de Amoriten oerjoech oan de Israeliten, sei Jozua tsjin de HEAR, yn oanwêzigens fan de Israeliten:

‘Sinne, bliuw stilstean by Gibeön,
En do, moanne, oer de delling fan Ajjalon!’

¹³ En de sinne stie stil en de moanne bleau stean
oant it folk wraak nommen hie op syn fijannen.

Sa stiet it skreaun yn it boek fan de Oprjochte. En de sinne bleau healwei de himel stean en

makke de hiele dei gjin haast om ûnder te gean. ¹⁴ Der hat nea in dei west, hjirfoar of hjirnei, dat de HEAR sa harke hat nei de stim fan in minske, want de HEAR stried foar Israel. ¹⁵ En Jozua en hiel it leger fan Israel mei him giene werom nei it kamp Gilgal.

Fiif Amorityske keningen ferslein

¹⁶ De fiif keningen hiene de flecht nommen en harren ferburgen yn de grot by Makkeda. ¹⁷ Doe't oan Jozua rapportearre waard dat se de fiif keningen fûn hiene yn de grot by Makkeda, dêr't se har ferburgen hiene, ¹⁸ sei Jozua: 'Rôlje grutte stiennen foar de iepening fan de grot en set dêr manlju by op wacht. ¹⁹ Jimme moatte sels lykwols net stean bliuwe, mar jimme fijannen neisitte en harren fan efteren oanfalle. Soargje derfoar dat se net yn har stêden komme, want de HEAR, jimme God, hat har jim yn hannen jûn.' ²⁰ Sa brochten Jozua en de Israeliten harren op it lêst in ferpletterjende nederlaach ta, al ûntkamen der guon nei de festingstêden. ²¹ It hiele leger gie yn frede werom nei Jozua yn it kamp by Makkeda en gjinien sei in ferkeard wurd tsjin de Israeliten. ²² Doe sei Jozua: 'Jimme moatte de yngong fan de grot iepenmeitsje en dy fiif keningen by my bringe.' ²³ Dat diene se en se brochten dy fiif keningen út de grot by him: de kening fan Jeruzalim, fan Hebron, fan Jarmût, fan Lakisj en fan Eglon. ²⁴ Nei't se dy keningen by Jozua brocht hiene, rôp Jozua alle manlju fan Israel en sei tsjin de legeroanfjers dy't mei him mei west hiene: 'Kom mar hjir en set jimme foet op 'e nekke fan dizze keningen.' Doe kamen se tichteby en setten har de fuotten op 'e nekke. ²⁵ Jozua sei tsjin har: 'Wês mar net bang en benaud; wês sterk en moedich, want sa sil de HEAR dwaan mei al jimme fijannen dêr't jimme tsjin stride.' ²⁶ Doe stelde Jozua de keningen terjochte en hy hong harren op oan fiif peallen. Sy bleaune oan de peallen hingjen oant de jûn ta. ²⁷ Tsjin sinne-ûndergong joech Jozua opdracht om har fan de peallen te heljen. Se smieten harren yn de grot dêr't se harsels ferburgen hiene en setten grutte stiennen foar de iepening fan de grot, dy't der hjoed de dei noch steane.

Súdlike stêden ynnommen

²⁸ Op dyselde dei naam Jozua Makkeda yn. Hy fersloech de stêd en syn kening mei it swurd. Hy ferneatige de ynwenners mei alles wat dêr libbe folslein. Hy liet net ien oerlibje en die mei de kening fan Makkeda lykas er dien hie mei de kening fan Jericho. ²⁹ Doe gie Jozua mei hiel Israel fierder, fan Makkeda nei Libna, en sy fochten tsjin Libna. ³⁰ De HEAR joech dy stêd mei syn kening ek yn hannen fan Israel en sy sloegen de stêd mei alles wat dêryn libbe mei it swurd. Hy liet net ien oerlibje. En hy die mei syn kening lykas er dien hie mei de kening fan Jericho. ³¹ Doe teach Jozua mei hiel Israel fierder, fan Libna nei Lakisj, belegere dy stêd en sette de oanfal yn. ³² De HEAR joech Lakisj yn hannen fan Israel en Jozua naam de stêd yn op de twadde dei. De stêd en alles wat dêryn libbe sloech er mei it swurd, krekt lykas er mei Libna dien hie. ³³ Underwilens wie Horam, de kening fan Gêzer, optein om Lakisj te helpen, mar Jozua fersloech him en syn leger; net ien ûntkaam. ³⁴ Dêrnei teach Jozua mei hiel Israel fierder, fan Lakisj nei Eglon, belegere dy stêd en sette de oanfal yn. ³⁵ Sy namen it dyselde dei noch yn en sloegen de stêd mei it swurd; alles wat dêryn libbe rûgen se dy dei folslein út, krekt lykas se mei Lakisj dien hiene. ³⁶ Dêrop gie Jozua mei hiel Israel fan Eglon nei Hebron. Se foelen de stêd oan ³⁷ en namen dy yn. Se sloegen de stêd my it swurd, mei syn kening en al syn doarpen en mei alles wat dêryn libbe. Hy liet net ien oerlibje, lykas er dien hie mei Eglon. Hy joech de stêd mei alles wat dêryn libbe oan de ferneatiging priis. ³⁸ Doe gie Jozua mei hiel Israel werom nei Debir en sy foelen de stêd oan. ³⁹ Sy namen dy yn mei de kening en al syn doarpen, sloegen de stêd mei it swurd en

brochten alles wat deryn libbe om. Hy liet net ien oerlibje. Lykas er dien hie mei Hebron en mei Libna en syn kening, sa die er mei Debir en syn kening.

⁴⁰ Sa ferovere Jozua it hiele lân: it berchlân, it suden, de flakte en de berchskeanten mei al syn keningen. Hy liet net ien oerlibje. En alles wat sykhelle, rûge er út, lykas de HEAR, de God fan Israel, hjitten hie. ⁴¹ Jozua fersloech har fan Kadesj-Barneä oan Gaza ta, en it hiele lân fan Gosjen oan Gibeön ta. ⁴² Al dy keningen en har lân naam Jozua yn ien kear yn, want de HEAR, de God fan Israel, stried foar Israel. ⁴³ Doe gie Jozua mei hiel Israel werom nei it kamp Gilgal.

11

Noardlike keningen ferslein

¹ Doe't Jabin, de kening fan Hasor, dat hearde, stjoerde er berjocht nei Jobab, de kening fan Madon, nei de kening fan Sjimron, nei de kening fan Aksjaf, ² en nei de keningen fan it berchlân yn it noarden, yn de Jordaanfallei súdlik fan Kinarot, yn de flakte en yn 't heuvellân fan Dor oan de see, ³ nei de Kanaäniten yn it easten en it westen, de Amoriten, de Hetiten, de Perizziten en de Jebûsiten yn 't berchlân en de Chiwwiten oan de foet fan de Hermon yn 't lân fan Mispa. ⁴ En sy teagen op mei al harren troepen mei in hiel soad hynders en striidweinen, in leger sa machtich as sânkerlen op it strân fan de see. ⁵ Al dy keningen bondelen har krêften, kamen en setten har kamp op by it wetter fan Mearom om Israel oan te fallen.

⁶ De HEAR sei tsjin Jozua: 'Wês net benaud foar harren, want moarn om dizze tiid sil ik har, ferslein, oerjaan oan Israel. Harren hynders moatsto de haksinen trochsnije en har striidweinen yn 'e brân stekke.' ⁷ Doe kaam Jozua mei al syn kriichsfolk harren oer it mêd by it wetter Mearom en sy foelen harren oan. ⁸ En de HEAR joech har yn hannen fan Israel. Sy fersloegen harren en efterfolgen har oant Grut-Sidon ta en oan Misferot-Majimme en de delling fan Mispa yn it easten ta. Sy fersloegen har, en lieten net ien yn libben. ⁹ Jozua die mei har lykas de HEAR him sein hie: har hynders hat er de haksinen trochsnien en har weinen yn 'e brân stutsen.

¹⁰ Yn dyselde tiid kearde Jozua om en naam Hasor yn en deade syn kening mei it swurd. Want doedestiids wie Hasor it haad fan al dy keninkriken. ¹¹ En hy sloech alles wat dêryn libbe mei it swurd en rûge de stêd hielendal út. Der bleau net ien oer dy't sykhelle. Hasor hat er ferbaarnd. ¹² Alle stêden fan dy keningen naam Jozua yn, en hy sloech al har keningen mei it swurd. Hy joech se oan de ferneatiging priis, lykas Mozes, de tsjinstfeint fan 'e Hear, hjitten hie. ¹³ Mar fan alle stêden dy't op in wenhichte boud binne, stuts Israel net ien yn 'e brân, allinne dan Hasor, dat Jozua yn 'e brân stutsen hie. ¹⁴ De hiele bút fan dy stêden en it fee holden de Israeliten foar harren sels. Mar alle minsken sloegen se mei it swurd, oant se harren útrûge hiene. Se lieten net ien oer dy't sykhelle. ¹⁵ Lykas de HEAR Mozes, syn tsjinstfeint, hjitten hie, sa hie Mozes it Jozua hjitten en sa hat Jozua it dien. Jozua sloech gjin ding oer fan alles wat de HEAR Mozes hjitten hie.

Gearfetting fan Jozua syn feroveringen

¹⁶ Sa ferovere Jozua dat hiele lân: it berchlân, it hiele suden, it hiele lân Gosjen, de flakte, de Jordaanfallei en it hiele berchlân fan Israel mei syn lechten, ¹⁷ fan de Keale Berch, dy't oprint nei Seïr, oan Baäl-Gad ta yn de delling fan de Libanon oan de foet fan de berch Hermon. Al har keningen naam er finzen en deade er. ¹⁸ In soad tiid hat Jozua oarlochfierd tsjin al dy keningen. ¹⁹ Der wie gjin stêd dy't frede mei de Israeliten sleat, behalve de Chiwwiten dy't yn Gibeön

wennen. Se hawwe alles mei wapengeweld ferovere. ²⁰ Want it wie de HEAR dy't harren it hert ferhurde om tsjin Israel oarloch te fieren. Dêrom koene se sûnder genede ferneatige en útrûge wurde, lykas de HEAR it Mozes hjitten hie.

²¹ Yn dy tiid kaam Jozua en fage de Enakiten fuort fan it berchlân, fan Hebron, Debir, Anab, fan it hiele berchlân fan Juda en fan it hiele berchlân fan Israel. Jozua ferneatige har en har stêden folslein. ²² Der bleau net ien Enakyt oer yn it lân fan de Israeliten. Allinne yn Gaza, Gat en Asjdot bleaune der noch oer. ²³ Sa ferovere Jozua it hiele lân, krekt lykas de HEAR tsjin Mozes sein hie. En Jozua joech it lân oan Israel as erflik besit, neffens har yndieling yn stammen. En it lân krige rêst fan de striid.

12

List fan de keningen, ferslein troch Mozes

¹ Dit binne de keningen fan it lân dy't de Israeliten ferslein hawwe, en fan wa't se it lân yn besit nommen hawwe, oan de oare kant fan de Jordaan yn it easten, fan de rivier Arnon oan it berchlân fan de Hermon ta en de eastkant fan de hiele Jordaanfallei: ² Sichon, de kening fan de Amoriten dy't yn Chesbon wenne. Hy regearre fan Aroër, oan de râne fan de Arnon, fan it midden fan it bêd, oer de helte fan Gileäd, oan de rivier Jabbok, de grins fan de Amoniten ta, ³ Hy regearre ek oer de Jordaanfallei, east fan de see fan Kinerot oan east fan de see fan de delling, de Sâltsee ta, op wei nei Bet-Jesimot en yn it suden oan de skeanten fan de Pisga ta. ⁴ Ek it gebiet fan Og, de kening fan Bazan, ien fan de lêsten fan de Refaïten, dy't wenne yn Asjarot en yn Edrei. ⁵ Hy regearre oer it berchlân fan de Hermon, oer Salka, oer hiel Bazan oan it gebiet fan de Gesûriten en de Maächatiten ta, en de oare helte fan Gileäd, oan it gebiet fan Sichon, de kening fan Chesbon, ta. ⁶ Mozes, de tsjinstfeint fan 'e Hear, en de Israeliten hawwe harren ferslein en Mozes, de tsjinstfeint fan 'e Hear, joech it gebiet as erfdiel oan de Rûbeniten, de Gaditen en de heale stam fan Manasse.

List fan de keningen, ferslein troch Jozua

⁷ Dit binne de keningen fan it lân dy't Jozua en de Israeliten ferslein hawwe oan de westkant fan de Jordaan, fan Baäl-Gad yn de delling fan de Libanon oan de Keale Berch, dy't oprint nei Seïr, ta. Jozua joech it oan Israel as erfdiel, neffens har yndieling yn stammen, ⁸ yn it berchlân, yn de flakte, yn de Jordaanfallei, op de berchskeanten, yn de woestyn en yn it suden – de Hetiten, de Amoriten, de Kanaäniten, de Perizziten, de Chiwwiten en de Jebûsiten:

⁹ de kening fan Jericho: ien;

de kening fan Ai, neist Bet-El: ien;

¹⁰ de kening fan Jerusalem: ien;

de kening fan Hebron: ien;

¹¹ de kening fan Jarmut: ien;

de kening fan Lakisj: ien;

¹² de kening fan Eglon: ien;

de kening fan Gêzer: ien;

¹³ de kening fan Debir: ien;

de kening fan Gêder: ien;

¹⁴ de kening fan Chorma: ien;

de kening fan Arad: ien;
¹⁵ de kening fan Libna: ien;
de kening fan Adûllam: ien;
¹⁶ de kening fan Makkeda: ien;
de kening fan Betel: ien;
¹⁷ de kening fan Tappûach: ien;
de kening fan Chefer: ien;
¹⁸ de kening fan Afek, ien;
de kening fan Lasjaron: ien;
¹⁹ de kening fan Madon: ien;
de kening fan Hazor: ien;
²⁰ de kening fan Sjimron Meron: ien;
de kening fan Aksjaf: ien;
²¹ de kening fan Taänak: ien;
de kening fan Megiddo: ien;
²² de kening fan Kêdesj: ien;
de kening fan Jokneäm by de Karmel: ien;
²³ de kening fan Dor, by de hichte fan Dor: ien;
de kening fan Goïm by Gilgal: ien;
²⁴ de kening fan Tirsä: ien; mei-inoar ienentritich keningen.

13

Wat noch net ferovere wie

¹ Jozua wie âld wurden en op jierren kommen, en de HEAR sei tsjin him: 'Do bist âld en op jierren kommen, en der is noch hiel wat lân oerbleaun om yn besit te nimmen. ² Dit is it lân dat oerbleaun is: alle gebieten fan de Filistinen en de Gesjûriten, ³ fan de rivier de Sjichor oan de eastkant fan Egypte oant it gebiet fan Ekron yn it noarden, dat by de Kanaäniten rekkene wurdt; it gebiet fan de fiif stêdfoarsten fan de Filistinen: Gaza, Asdod, Askelon, Gat, Ekron, en dat fan de Awwiten ⁴ yn it suden; en it hiele gebiet fan de Kanaäniten, fan Ara fan de Sidoniërs, oan Afek, oan de grins mei de Amoriten, ta; ⁵ fierder it lân fan de Gibliten en de hiele Libanon yn it easten, fan Baäl-Gad oan de foet fan de Hermon, oant Lebo-Hamat, ⁶ alle bewenners fan it berchlân fan de Libanon oan Misrefot-Maïm ta, allegearre Sidoaniërs. Iksels sil harren foar de Israeliten ferdriuwe. Mar do moatst it oan Israel as erfdiel tawize, lykas ik dy hjitten haw. ⁷ Ferdiel dit lân dêrom as erfdiel ûnder de njoggen stammen en de heale stam fan Manasse.'

Ferdieling fan it lân eastlik fan de Jordaan

⁸ Mei de oare helte fan Manasse hawwe de Rûbeniten en de Gaditen harren erfdiel krige dat Mozes, de tsjinstfeint fan 'e HEAR, har al oan 'e eastkant fan de Jordaan jûn hie. ⁹ It rûn fan Aroër, dat oan de rivier de Arnon leit, en fan de stêd dy't yn 'e midden fan de delling leit, en mei de hiele heechflakte fan Medeba, oant Dibon ta; ¹⁰ mei alle stêden fan Sichon, de kening fan de Amoriten, dy't yn Chesbon regearre, oan it gebiet fan de Amoniten ta, ¹¹ Gilead en it gebiet fan de Gesjûriten en de Maakatiten, it hiele berchlân fan de Hermon en hiel Bazan oan Salka ta, ¹² it hiele keninkryk fan Og yn Bazan, dy't regearre yn Asjarot en yn Edrëi. Hy wie de lêste fan de

Refaïten. De Amoriten hie Mozes al ferslein en ferjage. ¹³ De Israeliten hawwe lykwols de Gesjûriten en de Maäkatiten net ferjage, dat Gesjûr en Maäkat wenje noch yn it fermidden fan Israel oant hjoed de dei ta. ¹⁴ Allinne oan de stam fan Levy hat Mozes gjin lân as erfdiel jûn. De offers mei fjoer fan de HEAR, de God fan Israël, dy binne harren erfdiel, lykas de HEAR harren tasein hie.

It gebiet fan Rûben

¹⁵ Oan de famyljes fan de stam fan Rûben joech Mozes dit lân: ¹⁶ it gebiet fan Aroër, dat oan de rivier de Arnon leit, en de stêd dy't yn it midden fan de delling leit en de hiele heechflakte by Medeba; ¹⁷ Chesbon en al syn stêden dy't op de heechflakte lizze – Diban, Bamot-Baäl, Bet-Baäl-Meön, ¹⁸ Jasa, Kedemot, Mefaät, ¹⁹ Kirjatajim, Sibma en Searet-Hasjachar op de hichte yn de delling, ²⁰ Bet-Peör, Asjdot, de skeanten fan de berch de Pisga, Bet-Hajjesjimot – ²¹ alle stêden op de heechflakte en hiel it keninkryk fan Sichon, de kening fan de Amoriten, dy't yn Chesbon regearre. Mozes hie him ferslein en ek de foarsten fan Midjan, Ewy, Rêkem, Sûr, Chûr en Rêba, de liederen fan Sichon, dy't yn dat lân wennen. ²² Ek Bileam, de soan fan Beor, de wiersizzer, wie by de fersleinen en him hawwe de Israeliten deade mei it swurd. ²³ En de grins fan de Rûbeniten wie de Jordaan en it gebiet dêrlâns. Dizze stêden en har doarpen wiene it erfdiel fan de famyljes fan de Rûbeniten.

It gebiet fan Gad

²⁴ Mozes joech dit oan de famyljes fan de stam fan Gad, ²⁵ it gebiet fan Jazer en alle stêden fan Gileäd en de helte fan it lân fan de Amoniten oan Aroër ta dat by Rabba leit, ²⁶ en fan Chesbon oan Ramat-Mispe en Betonim ta; en fan Machanajim oan it gebiet fan Lidbir ta, ²⁷ en yn de delling Bet-Haram, Bet-Nimra, Sûkkot en Safon, wat oerbleaun wie fan it keninkryk fan Sichon, de kening fan Chesbon; de Jordaan en it gebiet dêrby lâns oan de mar fan Kinnêret ta, oan de eastkant fan de Jordaan. ²⁸ Dizze stêden en har doarpen wiene it erfdiel fan de famyljes fan de Gaditen.

It gebiet fan de heale stam fan Manasse

²⁹ Mozes joech oan de heale stam fan Manasse, dat wol sizze oan de famyljes fan de heale stam fan de Manassiten, ³⁰ it gebiet fan Machanajim ôf; hiel Bazan, it hiele keninkryk fan Og, de kening fan Bazan, en alle tintekampen fan Jair, dy't yn Bazan binne, sechstich stêden, ³¹ en de helte fan Gileäd, Asjtarot en Edreï, de keninklike stêden fan Og yn Bazan. Dy krigen de bern fan Makir, de soan fan Manasse – foar de helte fan Makir syn bern – neffens har famyljes.

³² Dat wie wat Mozes tawiisd hat op de flakten fan Moäb, oan oare kant de Jordaan, east fan Jericho. ³³ Oan de stam fan Levy hat Mozes lykwols gjin erfdiel jûn. De HEAR, de God fan Israel, dy is har erfdiel, lykas de HEAR harren tasein hat.

14

Ferdieling fan it lân westlik fan de Jordaan

¹ Dit binne de gebieten dy't de Israeliten as erfdiel krige hawwe yn it lân Kanaän, dy't de pryster Eleäzar en Jozua, de soan fan Nûn, en de haden fan 'e famyljes fan de stammen fan de

Israeliten oan har tadield hiene. ² Harren erfdiel waard troch Iotsjen ferdiel foar de njoggen-en-heale stam, sa't de HEAR dat troch Mozes opdroegen hie. ³ Mozes hie in erfdiel jûn oan de twa-en-heale stam oan de oare kant Jordaan, mar oan de Leviten yn harren fermidden hie er gjin erfdiel jûn, ⁴ want it neiteam fan Joazef wiene twa stammen wurden: Manasse en Efraïm. De Leviten hiene net in diel fan it lân krige, mar stêden om yn te wenjen mei weidlân deromhinne foar harren fee en besit. ⁵ Lykas de HEAR Mozes hjitten hie, sa ferdielden de Israeliten it lân.

Hebron tawiisd oan Kaleb

⁶ De Judeeërs kamen by Jozua yn Gilgal. Kaleb, de soan fan Jefûnne, de Kenizyt, sei tsjin him: 'Jo witte wat de HEAR tsjin Mozes, de man fan God, yn Kadesj-Barneä sein hat oer jo en my. ⁷ Ik wie fjirtich jier doe't Mozes, de tsjinstfeint fan 'e HEAR, my út Kadesj-Barneä wei stjoerde om it lân te ferkennen. Ik kaam doe werom by him en brocht ferslach út sa't ik it waarnommen hie. ⁸ Myn maten lykwols, dy't mei my meigien wiene, makken dat it folk de moed ferlear. Mar ik folge de HEAR, myn God, folslein. ⁹ Mozes hat my dy deis sward: "It lân datsto trochkrúst hast, sil foar altyd erfgoed foar dy en dyn bern wêze, want do hast de HEAR, myn God, folslein folge." ¹⁰ No, de HEAR hat my yn libben holden, lykas hy sein hie. It is fiifenfjirtich jier lyn dat de HEAR dit tsjin Mozes sein hat, doe't Israel troch de woestyn gie. En no bin ik fiifentachtich, ¹¹ mar noch like sterk as doe't Mozes my derop útstjoerde. Ik bin noch like krêftich om te striden en it befel te fieren as ik doe wie. ¹² Jou my no dit berchlân dat de HEAR my dy dei tasein hie. Want jo hawwe dy deis sels heard dat dêr Enakiten wiene en grutte, fersterke stêden. Miskien sil de HEAR my helpe en sil ik harren ferdriuwe, lykas de HEAR sein hat.'

¹³ Jozua seinige him en joech Hebron oan Kaleb, de soan fan Jefûnne, as erfdiel. ¹⁴ Sadwaande hat Kaleb, de soan fan Jefûnne, de Kenizyt, Hebron yn eigendom oant hjoed de dei ta. Want hy hie de HEAR, de God fan Israel, folslein folge. ¹⁵ De namme fan Hebron wie eartiids Kirjat-Arba, neamd nei Arba, de grutste man fan de Enakiten. En it lân krige rêst nei de striid.

15

It gebiet fan Juda

¹ It gebiet dat troch it lot oan de stam Juda, neffens harren famyljes, oanwiisd waard lei tsjin de grins fan Edom oan, oan de woestyn fan Sin yn it uterste suden ta. ² Syn súdgrins rûn fan de ein fan de Sâltsee, fan de lântonge dy't nei it suden ombûcht ôf. ³ De grins komt súdlik fan de Skorpioenepas út, giet troch Sin en rint dan nei it suden omheech nei Kadesj-Barneä, rint troch nei Chesron, fierder omheech nei Adar en bûcht dêrnei nei Karka. ⁴ Dan ferfolget de grins nei Asmon, komt by de grinsrivier fan Egypte út en hâldt op by de see. Dat sil jimme súdgrins wêze. ⁵ De eastgrins is de Sâltsee oan de útein fan 'e Jordaan ta.

De noardgrins is fan de útrinner fan de see ôf oan de útein fan 'e Jordaan ta, ⁶ rint dan omheech nei Bet-Chogla en rint noardlik fan Bet-Araba. Dêrnei rint de grins omheech nei de Stien fan Bohan, de soan fan Rûben. ⁷ Dan rint de grins omheech nei Debir, út 'e delling fan Achor en bûcht dan nei it noarden, nei Gilgal foar de berchpas fan Adûmmim oer, súdlik fan 'e rivier. De grins rint troch nei it wetter fan En-Sjêmesj, mei úteinen nei En-Rogel. ⁸ Dêrwei rint er omheech nei de Ben-Hinnomdelling nei de súdlike berchrêch fan 'e Jebûsiten (dat is no Jeruzalim). De grins rint dan fierder nei de top fan 'e berch dy't yn it westen foar de Ben-Hinnomdelling leit oan it noardlike útein fan de delling fan Refaïm. ⁹ Dan bûcht de grins om fan

'e top fan 'e berch nei de boarne fan it wetter fan Neftoäch en komt út by de stêden fan it berchlân fan Efron. Dan bûcht er ôf nei Baäla (dat is no Kirjat-Jeärim), ¹⁰ makket in bocht fan Baäla nei it westen nei it berchlân Seïr en rint út it noarden wei nei de berchrêch fan 'e berch Jeärim (dat is no Kesalon). Dan rint er del nei Bet-Sjêmesj en by Timna del. ¹¹ De grins komt noardlik út by de berchrêch fan Ekron. Dan bûcht er nei Sjikaron, rint nei de berch Baäla en komt by Jabneël út; hy einiget by de see. ¹² De Grutte See foarmet de westgrins fan it gebiet. Dit binne de grinzen om it gebiet fan de famyljes fan de stam fan Juda hinne.

Kaleb nimt syn gebiet yn besit

¹³ Oan Kaleb, soan fan Jefûnne, hat Jozua neffens de opdracht fan de HEAR in diel yn it fermidden fan de Judeeërs jûn: Kirjat-Arba, dat is no Hebron – Arba wie de heit/âldfaar fan Enak. ¹⁴ Kaleb jage de trije Enakiten dêrwei: Sjesjai, Achiman en Talmai, neikommelingen fan Enak. ¹⁵ Dêrwei gie er nei de ynwenners fan Debir. Debir hiet earder Kirjat-Sefer. ¹⁶ Doe sei Kaleb: 'Wa't Kirjat-Sefer bemasteret, dy sil ik myn dochter Aksa as frou jaan.' ¹⁷ Otniël, de soan fan Kenas, Kaleb syn broer, bemastere de stêd en Kaleb joech him syn dochter Aksa as frou. ¹⁸ Doe't se by Otniël kommen wie, trune se him oan om har heit om in stik lân te freegjen. Sy stapte fan har ezel ôf en Kaleb sei tsjin har: 'Wat is deroan?' ¹⁹ Sy sei: 'Jou my dochts in seine. Jo hawwe my it woestijnlân yn it suden jûn, mar skink my dan ek wetterwellen.' Doe joech er har sawol heech- as leechlizzende wellen.

²⁰ Dit is it erfdiel fan de famyljes fan 'e stam fan Juda.

De stêden fan 'e stam fan Juda

²¹ De meast súdlike stêden fan 'e stam fan Juda oan de grins fan Edom ta wiene: Kabseël, Eder, Jagûr, ²² Kina, Dimona, Adada, ²³ Kêdesj, Chasor, Jitnan, ²⁴ Sif, Têlem, Bealot, ²⁵ Chasor-Chadatta en Kerijot Chesron (dat is no Chasor); ²⁶ Amam, Sjema, Molada, ²⁷ Chasar-Gadda, Chesmon, Bet-Pêlet, ²⁸ Chasar-Sjûal, Beër-Sjêba en Bizjoteja, ²⁹ Baäla, Ijjim, Esem, ³⁰ Eltolad, Kesil, Chorma, ³¹ Siklach, Madmanna, Sansanna, ³² Lebaöt, Sjlchim, Ajin en Rimmon. Mei-inoar njoggenentweintich stêden mei har doarpen.

³³ Yn de flakte: Esjtaöl, Soara, Asjna, ³⁴ Sanoach, En-Gannim-Tappûach en Enam, ³⁵ Jarmût en Adûllam, Soko en Azeka, ³⁶ Sjaärajim, Aditajim, Gedeara en Gedearotajim. Fjirtjin stêden mei har doarpen. ³⁷ Senan, Chadasja, Migdal-Gad, ³⁸ Dilan, Mispa, Jokteël, ³⁹ Lakisj, Boskat, Eglon, ⁴⁰ Kabbon, Lachmas, Kitlisj, ⁴¹ Gedearot, Bet-Dagon, Naäma en Makkeda. Sechstjin stêden mei har doarpen. ⁴² Libna, Eter, Asjan, ⁴³ Jiftach, Asjna, Nesib, ⁴⁴ Keïla, Akzib en Marésja. Njoggen stêden mei har doarpen. ⁴⁵ Ekron mei de plakken en doarpen dy't derby hearre. ⁴⁶ Fan Ekron oan de see ta mei alles wat besiden Asjdod leit mei har doarpen. ⁴⁷ Asjdod mei de plakken en doarpen dy't derby hearre, Gaza mei de plakken en doarpen dy't derby hearre oan de grinsrivier fan Egypte ta, en it gebiet by de Grutte See.

⁴⁸ Yn it berchlân: Sjamir, Jattir, Soko, ⁴⁹ Danna, Kirjat-Sanna (dat is no Debir), ⁵⁰ Anab, Esjtemo, Anim, ⁵¹ Gosjen, Cholon en Gilo. Alve stêden mei har doarpen. ⁵² Arab, Dûma, Esjan, ⁵³ Janûm, Bet-Tappûach, Afeka, ⁵⁴ Chûmta, Kirjat-Arba (dat is no Hebron), en Sijoar. Njoggen stêden mei har doarpen. ⁵⁵ Maön, Karmel, Sif, Jûtta, ⁵⁶ Jizréel, Jokdeäm, Sanoäch, ⁵⁷ Kajin, Giba, en Timna. Tsien stêden mei har doarpen. ⁵⁸ Chalchûl, Bet-Sûr, Gedor, ⁵⁹ Maärat, Bet-Anot en Eltekon. Seis stêden mei har doarpen. ⁶⁰ Kirjat-Baäl (dat is no Kirjat-Jeärim), en Rabba. Twa stêden mei har doarpen. ⁶¹ Yn 'e woestyn: Bet-Araba, Middin, Sekaka, ⁶² Nidsan, Ir-Hammêlach en Engedy. Seis

stêden mei har doarpen.

⁶³ Mar de Judeeërs koene de Jebûsiten, de ynwenners fan Jeruzalim, net ferdriuwe, dat de Jebûsiten wenje tegearre mei de Judeeërs yn Jeruzalim oant hjoed de dei ta.

16

It gebiet fan Efraïm

¹ It folgjende gebiet waard troch it lot oan de neikommelingen fan Joazef tawiisd: de grins rint fan de Jordaen by Jericho, east fan de boarnen fan Jericho, troch de woestyn dy't omheech rint fan Jericho en troch it berchlân fan Bet-El. ² Fan Bet-El rint de grins nei Lûz en troch it gebiet fan de Arkiten, nei Atarot. ³ Dan rint er del nei it westen, nei it gebiet fan de Jafletiten sa fier as it legere gebiet fan Bet-Choaron en oan Gêzer ta. De grins einiget by de see. ⁴ De soannen fan Joazef, Manasse en Efraïm, krigen sa harren part.

⁵ Dit wie it gebiet fan de Efraïmiten neffens har famyljes: de grins fan har part rint eastlik fan Atrot-Addar oan it hegere gebiet fan Bet-Choaron ta. ⁶ De grins rint nei de see, út Mikmetat yn it noarden, bûcht nei it easten nei Taänat-Sjilo en ferfolget dêrlâns nei it easten fan Janoäch; ⁷ dan rint er del fan Janoäch nei Atarot en Naärat, deun by Jericho lâns en einiget by de Jordaen. ⁸ Fan Tappûach rint de grins nei it westen nei de rivier Kana en einiget dan by de see. Dat is it erfbesit fan 'e stam fan 'e famyljes fan 'e Efraïmiten. ⁹ Fierder krigen se de stêden dy't yn it part fan Manasse foar har apart hâlden wiene, mei doarpen en al. ¹⁰ Mar se ferdreaunen de Kanaäniten, dy't yn Gêzer wennen, net, dat sadwaande wenje de Kanaäniten yn 't fermidden fan Efraïm oan hjoed de dei ta. Mar se waarden wol twongen om foar de Efraïmiten te wurkjen.

17

It gebiet fan Manasse

¹ Dit is it gebiet dat troch it lot oan de stam fan Manasse, de âldste soan fan Joazef, tawiisd waard. Om't er kriichsman west hie, krige Makir, de âldste soan fan Manasse, de heit fan Gileäd, de geaën fan Gileäd en Bazan. ² Ek de famyljes fan de oare soannen fan Manasse krigen harren diel: de soannen fan Abiêzer, Chelek, Asriël, Sjêkem, Chefer en Sjemida. Dat binne de famyljes fan de manlike neikommers fan Manasse, de soan fan Joazef.

³ Selofchad, de soan fan Chefer, de soan fan Gileäd, de soan fan Makir, de soan fan Manasse, hie gjin soannen, mar allinne dochters; sy hieten Machla, Noä, Chogla, Milka en Tirsä. ⁴ Dy giene nei Eleäzar, de pryster, by Jozua, de soan fan Nûn, en de stamliders en seine: 'De HEAR hat Mozes hjitten om ús in part fan it lân te jaan yn it fermidden fan ús heite bruorren.' Omdat de HEAR dat sein hie, joech Jozua har in part yn it fermidden fan harren heite bruorren. ⁵ Manasse krige tsien stikken lân tawiisd, bûten de geaën fan Gileäd en Bazan oan de oare kant de Jordaen, ⁶ omdat de dochters fan Manasse in part krigen yn it fermidden fan syn manlike neikommers, en it lân Gileäd foar de oare neikommers fan Manasse wie.

⁷ It gebiet fan Manasse rûn fan Azer ôf nei Mikmetat, eastlik fan Sjichem. Dêrwei rûn de grins nei it suden nei de ynwenners fan En-Tappûach. ⁸ It lân fan Tappûach wie fan Manasse, mar Tappûach sels, op de grins fan Manasse, wie fan de Efraïmiten. ⁹ De grins rint fierder del nei it suden nei de rivier de Kana. Guon stêden yn it gebiet fan Manasse hearre oan Efraïm. It gebiet fan Manasse leit noardlik fan de rivier en rint út yn see. ¹⁰ It gebiet súdlik fan de rivier heart oan

Efraïm ta en noardlik derfan oan Manasse; de see is de grins. Yn it noarden grinzet Manasse oan Azer en yn it easten oan Issaskar.

¹¹ Manasse hie yn Issaskar en Azer ek de stêden Bet-Sjan en Jibleäm mei harren doarpen en de ynwenners fan Dor, En-Dor, Tanaäk en Megiddo mei harren doarpen. Dit is it gebiet mei de trije heuvels. ¹² De Manassiten koene dy stêden lykwols net ynnimme, dat de Kanaäniten bleaune yn dat lân wenjen. ¹³ Doe't de Israeliten sterker waarden, leinen se de Kanaäniten twangarbeid op, mar ferdreaunen harren net hielendal.

De neikommers fan Joazef meitsje beswier

¹⁴ De neikommers fan Joazef bekleiden har by Jozua: 'Wêrom hawwe jo ús mar ien gebiet as erfdiel tawiisd, wylst wy dochs in grut folk binne, want de HEAR hat ús oant no ta seinige.' ¹⁵ 'As jimme dan sa'n grut folk binne', antwurde Jozua, 'en it berchlân fan Efraïm te lyts foar jimme is, gean dan omheech nei it bosk en meitsje jim in stik grûn yn it lân fan de Perizziten en de Refaïten.' ¹⁶ De neikommers fan Joazef reagearren: 'Oan it berchlân hawwe wy net genôch, en alle Kanaäniten, dy't yn de flakte fan Bet-San en syn doarpen wenje en yn de delling fan Jizreël, dy hawwe izeren striidweinen.' ¹⁷ Jozua sei tsjin de neikommers fan Joazef, tsjin Efraïm en Manasse: 'Jimme binne in grut folk en tige sterk. Jimme sille net ien gebiet tawiisd krije, ¹⁸ want it berchlân is ek foar jimme. It is wol bosklân, wis, mar jimme moatte it roaie en it sil jimmes wêze mei al syn úteinen. Jimme sille de Kanaäniten ferdriuwe, al hawwe se izeren striidweinen en binne se sterk.'

18

Ferdieling fan de rest fan it lân

¹ De hiele mienskip fan de Israeliten kaam byinoar te Sjilo. Dêr setten se de tinte fan de moeting op. Sy hiene it lân dat foar harren lei ûnder kontrôle, ² mar der wiene sân stammen fan Israel oer dy't harren erfdiel noch net yn besit nommen hiene. ³ Doe sei Jozua tsjin de Israeliten: 'Hoelang sille jimme it sloere litte, foardat jimme it lân yn besit nimme dat de HEAR, de God fan jimme foarfaars, jimme jûn hat?' ⁴ Nim trije manlju út elke stam, dan sil ik dy útstjoere. Sy moatte it lân ferkenne en it beskriuwe, sadat it ferdield wurde kin. Lit se dêrnei by my komme, ⁵ dan moatte sy it ûnderinoar yn sân parten ferdielen. Juda lykwols hâldt syn gebiet yn it suden en de neikommers fan Joazef harren gebiet yn it noarden. ⁶ Jimme moatte de rest fan it lân yn sân parten beskriuwe en dy beskriuwing hjir by my bringe, dan sil ik foar jimme lotsje, yn it bywêzen fan de HEAR, ús God. ⁷ Want de Leviten hawwe gjin oandiel yn jimme fermidden; ommers, it prysterskip fan de HEAR is har erfdiel. Gad, Rûben en de heale stam fan Manasse hawwe harren part al fan Mozes, de tsjinstfeint fan 'e HEAR krige, oan 'e eastkant fan de Jordaen.'

⁸ Doe't de manlju fuort soene om it lân yn kaart te bringen, sei Jozua tsjin har: 'Gean no, ferken it lân en meitsje der in beskriuwing fan. Kom dan by my werom, dan sil ik hjir yn Sjilo foar jimme lotsje, yn it bywêzen fan de HEAR.' ⁹ Doe setten de manlju ôf en ferkenden it lân. Se makken in list op, stêd foar stêd, yn sân parten en kamen doe werom by Jozua yn it kamp yn Sjilo. ¹⁰ Jozua lotte doe foar har yn Sjilo, yn it bywêzen fan de HEAR, en ferdielde it lân ûnder de Israeliten, neffens harren stamferbannen.

It gebiet fan Benjamin

¹¹ De famyljes fan de stam fan Benjamin krigen in gebiet tawiisd, dat tusken dat fan Juda en Joazef yn lei. ¹² Oan 'e noardkant rûn har grins fan de Jordaan omheech nei de berchrêch noard fan Jericho. De grins rint fierder it westen omheech yn it berchlân om yn de woestyn fan Bet-Awen út te kommen. ¹³ Dêrnei rint de grins troch nei de berchskeanten fan Luz (dat is no Bet-El), yn it suden, en del nei Atrot-Addar oer it berchlân dat súd fan it legere diel fan Bet-Choaron leit.

¹⁴ Dêr makket de grins in bocht en bûcht by de westkant lâns nei it suden fan it berchlân dat súd foar Bet-Choaron oer leit nei Kirjat-Baäl (dat is no Kirjat-Jeärim), in stêd fan de Judeeërs; dat is de westkant.

¹⁵ De súdkant begjint oan 'e útein fan Kirjat-Jeärim. Dan rint de grins út it westen wei en giet troch nei de wetterboarne fan Neftoäch. ¹⁶ Hy rint dan del oan de râne fan de berch dy't tsjin de delling fan Hinnom leit, oan de noardkant fan de delling fan Refaïm, súdlik fan de skeante fan de Jebûsyt en fierder del nei En-Rogel. ¹⁷ Dêr draait er nei it noarden, rint by En-Sjêmesj lâns en giet troch nei Gelilot, dat foar de berchpas fan Adûmmim leit en komt del nei de Stien fan Bohan, de soan fan Rûben. ¹⁸ Dan ferfolget de grins nei de berchrêch tsjin Araba yn it noarden oer en rint del nei de delling fan 'e Jordaan. ¹⁹ Fierder rint de grins troch nei de berchrêch fan Bet-Chogla nei it noarden om út te rinnen yn de lântonge oan 'e noardkant fan 'e Sâltsee nei de súdlike útmûning fan de Jordaan; dat is de súdgrins.

²⁰ De Jordaan is de grins oan de eastkant.

Dit is it part fan de famyljes fan 'e Benjaminiten, mei opjefte fan alle grinzen dêromhinne.

De stêden fan Benjamin

²¹ De stêden fan de famyljes út de stam fan de Benjaminiten binne: Jericho, Bet-Chogla, Emek-Kesis, ²² Bet-Araba, Semarajim, Bet-El, ²³ Awwim, Para, Ofra, ²⁴ Kefar-Haämony, Ofny en Geba. Tolve stêden mei har doarpen. ²⁵ Gibeön, Rama, Beëarot, ²⁶ Mispa, Kefira, Mosa, ²⁷ Rêkem, Jirpeël, Tarala, ²⁸ Sela, Elef, Jebûs (dat is no Jeruzalim), Gibeät, Kirjat; fjirtjin stêden mei har doarpen.

Dit is it part fan de famyljes fan 'e Benjaminiten.

19

It gebiet fan Simeön

¹ It twadde lot foel ta oan de famyljes út de stam fan Simeön. Harren part wie yn it fermidden fan it gebiet fan de stam Juda. ² It omfette: Beër-Sjêba, Sjeba, Molada, ³ Chasar-Sjûal, Bala, Esem, ⁴ Eltolad, Betûl, Chorma, ⁵ Siklag, Bet-Hammarkabot, Chasar-Sûsa, ⁶ Bet-Lebaöt en Sjarûchan; trettjin stêden mei har doarpen. ⁷ Ajin, Rimmon, Eter en Asjan: fjouwer stêden mei har doarpen, ⁸ tegearre mei alle doarpen om dizze stêden hinne, oan Baälat Beër en it súdlike Rama ta. Dat is it part fan de famyljes út de stam Simeön. ⁹ It wie út it gebiet fan Juda nommen, want dat wie te grut foar harsels. Sadwaande krigen de Simeöniten harren part yn it gebiet fan Juda.

It gebiet fan Sebûlon

¹⁰ It tredde lot foel ta oan de famyljes fan de stam Sebûlon. Harren gebiet rûn oan Sarid ta; ¹¹ dêrwei gong de grins omheech nei it westen nei Marala, rekke Dabbêsjet en struts him út ta de beek by Jokneäm. ¹² Fan Sarid út draaide de grins nei it easten, rjochting de sinne-opgong,

oan it gebiet fan Kislot-Tabor ta, rûn nei Dobrat en dan omheech nei Jafia. ¹³ Dêrwei rûn er nei it easten, nei Gat-Chefer en Et-Kasin, kaam út op Rimmon en bûgde nei Neä. ¹⁴ Dêr bochte de grins omhinne, noardlik fan Channaton, en einige yn 'e delling fan Jiftach-El. ¹⁵ Fierder Kattat, Nahalal, Sjimron, Jidala en Bet-Lêchem: tolve stêden mei har doarpen. ¹⁶ Dat is it gebiet fan de famyljes fan de stam Sebûlon, dizze stêden mei har doarpen.

It gebiet fan Issaskar

¹⁷ It fjirde lot foel ta oan de famyljes fan de stam Issaskar. ¹⁸ Harren gebiet omfette: Jizreël, Kesûlot, Sjûnem, ¹⁹ Chafarajim, Sjion, Anacharat, ²⁰ Rabbit, Kisjon, Ebes, ²¹ Rêmet, En-Gannim, En-Chadda en Bet-Passes. ²² De grins rekket oan Tabor, Sjachasima en Bet-Sjêmesj en komt út by de Jordaan. Sechstjin stêden mei har doarpen. ²³ Dat is it gebiet fan de famyljes fan de stam Issaskar, de stêden mei har doarpen.

It gebiet fan Azer

²⁴ It fiifde lot foel ta oan de famyljes út de stam Azer. ²⁵ Har gebiet omfette: Chelkat, Chaly, Bêten, Aksaf, ²⁶ Alammêlek, Amad en Misjal. It rekket yn it westen de berch Karmel en rint by Sichor-Libnat lâns. ²⁷ Dan bûcht de grins nei it easten nei Bet-Dagon, rekket it gebiet fan Sebûlon en de delling Jiftach-El yn it noarden, fierder nei Bet-Emek en Neïel en komt dan links fan Kabûl út. ²⁸ Dêrwei nei Ebron, Rechob, Chamon en Kana oan Grut-Sidon ta. ²⁹ Dêr bûcht de grins werom nei Rama oan de festingstêd Tyrus ta; dêrnei makket er in bocht nei Chosa en komt út by de see, yn de krite fan Chêbel nei Akzib, ³⁰ Oema, Afek en Rechob: twaentweintich stêden mei har doarpen. ³¹ Dat is it gebiet fan de famyljes út de stam Azer, dizze stêden mei har doarpen.

It gebiet fan Naftaly

³² It sechsde lot foel ta oan de famyljes fan de stam Naftaly. ³³ Har grins rûn fan Chelef, fan de iik yn Saänannim, Adamy-Nêkeb en Jabneël nei Lakkûm, en kaam út by de Jordaan. ³⁴ Dêr bûcht de grins nei it westen nei Asnot Tabor en rint dêrwei troch nei Chûkok, en rekket Sebûlon yn it suden, Azer yn it westen en Jehuda, oan de Jordaan, yn it easten. ³⁵ De festingstêden binne: Siddim, Ser, Chammat, Rakkat, Kinnêret, ³⁶ Adama, Rama, Chasor, ³⁷ Kêdesj, Edreï, En-Chasor, ³⁸ Jiron, Migdal-El, Choarem, Bet-Anat en Bet-Sjêmesj: njoggentjin stêden mei har doarpen. ³⁹ Dat is it erfdiel fan de famyljes út de stam fan Naftaly, de stêden mei har doarpen.

It gebiet fan Dan

⁴⁰ It sânde lot foel ta oan de famyljes fan de stam Dan. ⁴¹ It gebiet omfette: Soara, Esjtaöl, Ir-Sjêmesj, ⁴² Sjaälabbîn, Ajalon, Jitla, ⁴³ Elon, Timnata, Ekron, ⁴⁴ Elteké, Gibbeton, Baälat, ⁴⁵ Jehûd, Bené-Berak, Gat-Rimmon, ⁴⁶ Mé-Hajarkon, Rakkon mei it gebiet foar Jafo oer.

⁴⁷ Doe't it gebiet fan de Daniten foar har ferlern gie, setten de Daniten ta op Lêsjem en foelen it oan; sy namen de stêd yn en makken de bewenners dea mei it swurd. Sy namen de stêd yn besit en setten har dêr nei wenjen. En sy neamden Lêsjem: Dan, nei de namme fan har foarfaar Dan. ⁴⁸ Dat is it gebiet fan de famyljes út de stam Dan, dy stêden mei har doarpen.

It erfdiel fan Jozua

⁴⁹ Doe't de Israeliten it ferdielen fan it lân foltôge hiene, wiisden se oan Jozua, de soan fan Nûn, in gebiet ta yn har fermidden, ⁵⁰ lykas de HEAR harren opdroegen hie. Sy joegen him de stêd dêr't er om frege hie: Timnat Sêrach, yn it berchlân fan Efraïm. Hy boude de stêd op en

sette him dêr nei wenjen.

⁵¹ Dat binne de gebieten, dy't de pryster Eleäzar, mei Jozua, de soan fan Nûn, en de famyljehaden oan de stammen fan Israel troch it lot yn besit joegen yn Sjilo, yn it bywêzen fan de HEAR, by de yngong fan de tinte fan de moeting. Sa brochten se de ferdieling fan it lân ta in ein.

20

De frijstêden

¹ De HEAR sei tsjin Jozua: ² 'Sis tsjin de Israeliten: jimme moatte de frijstêden oanwize, dêr't ik mei jimme oer sprutsen haw troch Mozes, ³ sa dat elkenien dy't in oar deade hat troch ûngelok, sûnder willemoed, dêrhinne flechtsje kin foar in fryplak, fuort foar de bloedwreker. ⁴ Hy kin dan nei ien fan dy stêden flechtsje en yn de stedspoarte syn saak útlizze foar de âldsten fan dy stêd. Dan moatte sy him by harren yn de stêd opnimme en in plak jaan dêr't er wenje kin. ⁵ As de bloedwreker de flechtling dan neisit, meie sy him net oan him útleverje. Want hy hat net mei opsetsin syn neiste deamakke en hie earder gjin haat tsjin him. ⁶ De deaslagger sil yn dy stêd bliuwe oant der in rjochtsaak tsjinne hat foar de stedsmienskip en oant de dea fan de hegepryster dy't op dat stuit yn funksje is. Dan mei de deaslagger weromgean nei syn hûs, nei de stêd dêr't er út wei flechte is.'

⁷ Doe keazen se Kêdesj yn Galiléa út, yn it berchlân fan Naftaly, Sichem yn it berchlân fan Efraïm, en Kirjat-Arba – dat hiet no Hebron – yn it berchlân fan Juda. ⁸ Oan oare kant de Jorda, eastlik fan Jericho, wiisden sy Bêser oan yn de woestyn op de heechflakte, út de stam Rûben, Ramot yn Gileäd, út de stam Gad, en Golan yn Bazan, út de stam Manasse. ⁹ Dat wiene de stêden dy't sawol foar alle Israeliten as foar de frjemdling yn harren fermidden, oanwiisd binne. Dêr kin elk hinne flechtsje dy't in oarenien troch ûngelok deade hie. Sa hoecht er net te stjerren troch de hân fan de bloedwreker, ear't er foar de mienskip berjochte west hat.

21

Stêden foar de Leviten

¹ Doe kamen de famyljehaden fan de Leviten by de pryster Eleäzar, by Jozua, de soan fan Nûn, en by de famyljehaden fan de stammen fan Israel ² yn Sjilo, yn it lân Kanaän. Sy seine tsjin harren: 'De HEAR hat oan Mozes de opdracht jûn om ús stêden te jaan om dêr te wenjen, tegearre mei weidlân foar ús fee.' ³ Doe joegen de Israeliten fan harren gebiet oan de Leviten, lykas de HEAR opdroegen hie, neikommende stêden, tegearre mei it weidlân. ⁴ It [earste] lot foel ta oan de famyljes fan de Kehatiten. Fan de Leviten krigen de bern fan Aäron, de pryster, troch lotsjen trettjin stêden út 'e stammen fan Juda, Simeön en Benjamin. ⁵ De oare Kehatiten krigen troch lotsjen tsien stêden út de famyljes fan de stammen fan Efraïm, Dan en de heale stam fan Manasse. ⁶ De Gersjoniten krigen troch lotsjen trettjin stêden út de famyljes fan de stammen fan Issaskar, Azer en Naftaly en fan de heale stam fan Manasse yn Bazan. ⁷ De famyljes fan de Mearariten krigen tolve stêden út de stammen fan Rûben, Gad en Sebûlon. ⁸ Sa hawwe de Israeliten dy stêden, tegearre mei it weidlân, troch it lot oan de Leviten tawiisd, lykas de HEAR troch Mozes hjitten hie.

De stêden fan de Kehatiten

⁹ Ut de stammen fan Juda en Simeön wiisden se dizze stêden, dy't hjirnei neamd wurden, ¹⁰ ta oan de neikommers fan Aäron, út de Levityske famyljes fan de neikommers fan Kehat, om't op har it earste lot foel: ¹¹ Kirjat-Arba (Arba wie de heit fan Anok), dat is no Hebron, yn it berchlân fan Juda, tegearre mei it weidlân, ¹² mar de ikkers fan de stêd en de omlizzende doarpen joegen se oan Kaleb, de soan fan Jefûnne. ¹³ Oan de neikommers fan Aäron, de pryster, joegen se Hebron, ien fan de frijplakken foar ûnopsetlike deaslaggers, mei it weidlân; fierder Libna, ¹⁴ Jattir, Esjtemoä, ¹⁵ Cholon, Debir, ¹⁶ Ajin, Jûtta en Bet-Sjêmesj; njoggen stêden út dizze twa stammen, tegearre mei it weidlân. ¹⁷ Ut de stam Benjamin: Gibeön, Geba, ¹⁸ Anatot en Almon; fjouwer stêden, tegearre mei it weidlân. ¹⁹ Mei-inoar krigen de prysters, neikommers fan Aäron, trettjin stêden mei it weidlân.

²⁰ De oare Levityske famyljes fan de neikommers fan Kehat lotten stêden út de stam fan Efraïm. ²¹ Sy krigen Sichem, ien fan de frijplakken foar ûnopsetlike deaslaggers, yn it berchlân fan Efraïm, Gêzer, ²² Kibsajim en Bet-Choaron; fjouwer stêden, allegearre mei it weidlân. ²³ Fierder út de stam Dan: Elteké, Gibbeton, ²⁴ Ajjalon en Gat-Rimmon; fjouwer stêden, allegearre mei it weidlân. ²⁵ Ut de heale stam fan Manasse: Taanak en Gat-Rimmon; twa stêden, tegearre mei it weidlân. ²⁶ Mei-inoar krigen de oare famyljes fan de neikommers fan Kehat tsien stêden, tegearre mei it weidlân.

De stêden fan de Gersjoniten

²⁷ De neikommers fan Gersjon, dy't ta de Levityske famyljes hearden, krigen út de heale stam fan Manasse Golan yn Bazan, ien fan de frijplakken foar de ûnopsetlike deaslaggers, en Beësjtera; twa stêden, tegearre mei it weidlân. ²⁸ Fierder út de stam Issaskar krigen se Kisjon, Dobrat, ²⁹ Jarmût en En-Gannim; fjouwer stêden, tegearre mei it weidlân. ³⁰ Ut de stam Azer krigen se Misjal, Abdon, ³¹ Chelkat en Rechob; fjouwer stêden, tegearre mei it weidlân. ³² Ut de stam Naftaly krigen se Kêdesj yn Galiléa, ien fan de frijplakken foar ûnopsetlike deaslaggers; fierder Chamnot-Dor en Karten; trije stêden, tegearre mei it weidlân. ³³ Mei-inoar krigen de famyljes dy't neikommers fan Gersjon wiene, trettjin stêden, tegearre mei it weidlân.

De stêden fan de Mearariten

³⁴ De famyljes dy't neikommers wiene fan Mearary, de oerbliuwende Leviten, krigen út 'e stam Sebûlon Jokneäm, Karta, ³⁵ Dimna en Nahalal; fjouwer stêden, tegearre mei it weidlân. ³⁶ Ut de stam Rûben krigen se Bêser, Jasa, ³⁷ Kedemot en Mefaät; fjouwer stêden, tegearre mei it weidlân. ³⁸ Ut de stam Gad krigen se Ramot yn Gileäd, ien fan de frijplakken foar ûnopsetlike deaslaggers, Machanajim, ³⁹ Chesbon en Jazer. Mei-inoar fjouwer stêden, tegearre mei it weidlân. ⁴⁰ Al mei al krigen de oerbliuwende famyljes fan de Leviten, de neikommers fan Mearary, tolve stêden, troch it lot oanwiisd.

⁴¹⁻⁴² Mei-inoar krigen de Leviten achtenfjirtich stêden, ferspraat oer it grûnbesit fan de Israeliten, stik foar stik mei it weidlân deromhinne. Sa wie it mei al dy stêden.

Ta beslút

⁴³ Sa joech de HEAR oan Israel it hiele lân, lykas er har foarâlden mei in eed tasein hie. Sy namen it yn besit en setten har der nei wenjen. ⁴⁴ En de HEAR joech har oan alle kanten rêst, lykas er har foarâlden tasein hie. Gjinen fan har fijannen koe it tsjin har hâlde: alle fijannen hat

de HEAR har yn hannen jûn. ⁴⁵ Net ien fan alle goede beloften dy't de HEAR oan it folk Israel dien hat is ûnferfolle bleaun. It is allegearre neikommen.

22

De eastlike stammen keare werom nei harren gebiet

¹ Doe rôp Jozua de Rûbeniten, de Gaditen en de heale stam fan Manasse ² en sei tsjin har:

'Jimme hawwe jimme holden oan alles wat Mozes, de tsjinstfeint fan de HEAR, jimme opdroegen hat. Boppedat hawwe jimme nei my harke, nei alles wat ik jimme opdroegen haw.

³ Jimme hawwe dizze lange tiid, oant dizze dei ta, jimme bruorren net sitte litten, mar binne trou bleaun oan it gebod fan de HEAR, jimme God. ⁴ No hat de HEAR, jimme God, jimme bruorren rêst jûn, lykas er harren tasein hie. En no moatte jimme nei jimme tinten ta gean, nei it lân dat jimme besit is. Mozes, de tsjinstfeint fan 'e HEAR, hat it jimme jûn oan oare kant de Jordaan.

⁵ Mar tink derom dat jimme jim sekuer hâlde oan it gebod en de Tora dy't Mozes, de tsjinstfeint fan 'e HEAR, jimme jûn hat. Hy hat jimme opdroegen de HEAR, jimme God, leaf te hawwen en op al syn wegen te gean, jimme oan syn geboaden te hâlden en jimme oan him fêst te hâlden en him te tsjinjen mei jim hiele hert en jim hiele siel.' ⁶ Jozua seinige harren en liet harren gean. Doe giene se nei har tinten.

⁷ Oan de iene helte fan de stam Manasse hat Mozes in part jûn yn Bazan en oan 'e oare helte in part tegearre mei har bruorren oan de westkant fan de Jordaan.

Doe't Jozua har nei harren tinten stjoerde en har seinige, ⁸ sei er ek tsjin harren: 'Gean mei grutte rykdom werom nei jimme tinten, mei in hiel protte fee, mei sulver, goud, koper en izer en mei in soad mantels. Diel de bút fan jimme fijannen mei jimme bruorren.' ⁹ Doe giene de Rûbeniten, de Gaditen en de heale stam fan Manasse werom, by de Israeliten wei, út Sjilo yn it lân Kanaän en setten út nei Gileäd te gean, nei it lân dat harren yn besit jûn wie, dat sy ynnommen hiene op befel fan de HEAR troch Mozes.

In alter as oantinken eastlik fan de Jordaan

¹⁰ Doe't de Rûbeniten, de Gaditen en de heale stam fan Manasse tichteby de Jordaan yn it lân Kanaän kamen, bouden se dêr in alter by de rivier. It wie in grut, opfallend alter. ¹¹ En doe't de Israeliten hearden, dat de Rûbeniten, de Gaditen en de heale stam fan Manasse it alter boud hiene foar it lân Kanaän oer, tichteby de Jordaan, oan de kant fan de Israeliten, ¹² kaam de hiele mienskip fan Israel yn Sjilo byinoar om tsjin harren te fjochtsjen.

¹³ De Israeliten stjoerden Pinechas, de soan fan de pryster Eleäzar, nei de Rûbeniten, de Gaditen en de heale stam fan Manasse, ¹⁴ tegearre mei tsien liederen, ien út elke stam fan Israel. Elk wie it haad fan in famylje yn in stam fan Israel. ¹⁵ Sy kamen by de Rûbeniten, de Gaditen en de heale stam fan Manasse yn Gileäd, en seine tsjin har: ¹⁶ 'De hiele mienskip fan de HEAR seit: Wat is dit foar in ûntrou tsjin de God fan Israel, dat jimme jim no fan de HEAR ôfkeare en foar jimme sels in alter bouwen en sa tsjin de HEAR opstean?' ¹⁷ Wie ús wandied by de berch Peör net genôch, dêr't wy ús oant dizze dei noch net fan suvere hawwe, en dy't in pleach oer de mienskip fan de HEAR brocht? ¹⁸ En no keare jimme jimme ek fan de HEAR ôf! As jimme hjoed yn opstân komme tsjin de HEAR, sil er moarn ferskuorrende liik op 'e hiele mienskip fan Israel wurde! ¹⁹ As jimme lân noch net suvere is, stek dan oer nei it lân dat fan de HEAR is en dêr't syn wente stiet en diel it lân mei ús. Mar stean net op tsjin de HEAR, en ek net tsjin ús, troch foar jimsels in alter

te bouwen, oars as in alter foar de HEAR, ús God. ²⁰ Wie net Achan, de soan fan Sêrach, ûntrou yn wat er dien hat mei wat foar de ferneatiging ornearre wie? Lilkens kaam doe oer de hiele mienskip fan de HEAR en hy wie net de iennichste dy't troch syn fergryp omkaam.'

²¹ En de Rûbeniten, de Gaditen en de heale stam fan Manasse antwurden de haden fan de ôfdielingen fan Israel: ²² 'De heechste God, de HEAR wit dochs – en ek Israel moat it witte – dat wy net rebelsk tsjin de HEAR west hawwe en ûntrou. Mar mocht it wol sa wêze, dan meie jo, HEAR, heechste God, ús op dizze dei net yn libben litte. ²³ As wy ús in alter boud hawwe om ús fan de HEAR ôf te kearen, om dêr brânooffers of moaloffers op te offerjen en dêr fredeoffers op bringe soene, dan moat de HEAR ús ta ferantwurdig roppe. ²⁴ Wy hawwe dit dien út soarch, want wy seine: letter soene jimme neikommers tsjin dy fan ús sizze kinne: "Wat hawwe jimme mei de HEAR, de God fan Israel, te krijen?" ²⁵ De HEAR hat de Jordaan as grins jûn tusken ús en jimme, de Rûbeniten en de Gaditen. Jimme hawwe part noch diel oan de HEAR." En jimme bern soene ús bern derta bringe kinne dat se gjin ûntsach mear hawwe foar de HEAR, ²⁶ dat wy seine: Kom, wy bouwe in alter, net foar brânooffers of foar slachtoffers, ²⁷ mar as in tsjûge tusken ús en jimme en tusken ús neikommers, dat wy de HEAR tsjinje sille yn syn bywêzen mei ús brânooffers, ús slachtoffers en ús fredeoffers. Jimme neikommers kinne letter dan net tsjin dy fan ús sizze: "Jimme hawwe part noch diel oan de HEAR." ²⁸ Wy seine: As se dat letter tsjin ús of ús neikommers sizze, dan sizze wy: "Sjoch, hjir stiet in kopy fan it alter fan de HEAR, dat ús foarâlden boud hawwe, net foar brânooffers of slachtoffers, mar as in tsjûge tusken ús en jimme." ²⁹ Noait net soene wy opstean tsjin de HEAR en ús fan him ôfkeare troch in alter te bouwen foar brânooffers, moaloffers as slachtoffers oars as it alter fan de HEAR, ús God, dat foar syn wente stiet.'

³⁰ Doe't de pryster Pinechas, de lieder fan de mienskip en de haden fan 'e ôfdielingen fan de Israeliten dy't by him wiene, de Rûbeniten, de Gaditen en de Manassiten heard hiene, wie it goed sa. ³¹ Doe sei de pryster Pinechas, de soan fan Eleazar, tsjin 'e Rûbeniten, de Gaditen en de Manassiten: 'No witte wy dat de HEAR yn ús fermidden is, en dat jimme de HEAR net ûntrou binne mei wat jimme dien hawwe. Sa hawwe jimme de Israeliten rêden út hannen fan de HEAR.'

³² Pinechas, de soan fan de pryster Eleazar, en de lieder giene werom, fan de Rûbeniten en Gaditen út Gilead nei Kanaän by de Israeliten en brochten ferslach út. ³³ En it ferslach wie goed neffens de Israeliten, en de Israeliten prizigen God. Se seinen ta om net mear te fjochtsjen om it lân, dêr't de Rûbeniten en Gaditen en de neikommers fan Manasse wenje, te ferneatigjen. ³⁴ De Rûbeniten en Gaditen neamden it alter Tsjûge. 'Want,' seinen se, 'it is in tsjûge ûnder ús dat de HEAR ús God is.'

23

Jozua nimt ôfskied

¹ It wie al in skoft lyn dat de HEAR oan Israel rêst jûn hie fan al har fijannen rûnom. Jozua wie âld en op jierren kommen. ² Doe rôp er hiel Israel, syn âldsten en famyljehaden, syn rjochters en lieder, en sei tsjin harren: 'Ik bin âld en op jierren kommen. ³ En jimme sels hawwe alles sjoen wat de HEAR, jimme God, foar jimme dien hat mei al dizze folken, want de HEAR, jimme God, hat foar jimme fjochte. ⁴ Wit goed dat ik dizze folken dy't oerbleaun binne, en alle folken dy't ik útrûge haw, oan jimme stammen as erfdiel tafalle litten haw, fan de Jordaan ôf oan de Middellânske See yn it westen ta. ⁵ De HEAR, jimme God, hy sil se foar jimme út jeie en

ferdriuwe. Jimme moatte harren lân yn besit nimme lykas de HEAR, jimme God, jimme sein hat. ⁶ Jimme moatte tige sterk wêze en alles dwaan wat skreaun is yn it boek fan de Tora fan Mozes. Wyk dêr net fan ôf op hokker wize ek. ⁷ Lit jimme net yn mei dy folken dy't noch by jimme oerbleaun binne. Jimme moatte de nammen fan harren goaden net yn 'e mûle nimme of dêrby swarre. Jimme moatte se net tsjinje en net foar harren delbûge. ⁸ Mar hâld fêst oan de HEAR, jimme God, lykas jimme dien hawwe oan hjoed de dei ta. ⁹ De HEAR liet jimme grutte en machtige folken yn besit nimme en wat jimme oanbelanget, net ien man koe it tsjin jim hâlde oan hjoed de dei ta. ¹⁰ Ien man fan jimme sil tûzen efterfolgje, want de HEAR, jimme God, sil foar jimme stride, lykas er tsjin jimme sein hat. ¹¹ Doch dan alle war om de HEAR, jimme God, leaf te hawwen. ¹² Want as jimme jimme fan him ôfkeare en jimme ynlitte mei dy folken dy't oerbleaun binne en as jimme mei harren froulju trouwe en sy mei dy fan jimme, ¹³ wit dan dat de HEAR, jimme God, net trochgean sil dy folken foar jim te ferdriuwen. Sy wurde in flapnet en falstrik foar jimme, in swipe oer jimme bealch en in toarn yn jimme eagen oant jimme ôffierd wurde út dit goede lân dat de HEAR, jimme God, jimme jûn hat.

¹⁴ Ik gean no aansten de wei fan alle skepsel. Jimme witte mei jimme hiele hert en jimme hiele siel, dat net ien fan alle goede ûnthjitten dy't de HEAR, jimme God, jimme dien hat net neikommen is; se binne allegearre neikommen, net ien dêrfan is net neikommen. ¹⁵ Mar lykas alle goede dingen foar jimme útkommen binne, dy't de HEAR, jimme God, jimme tasein hat, sa sille ek de minne dingen foar jimme útkomme, oant de HEAR, jimme God, jimme ferdylge hat út dit goede lân dat er jimme jûn hat. ¹⁶ As jimme it ferbûn mei de HEAR, jimme God, dat er jimme opdroegen hat, ferbrekke en jimme hinne gean en oare goaden tsjinje en jimme foar harren bûge, dan sil de lilken fan de HEAR oer jimme losbrâne en jimme sille fluch fuortfage wurde út dit goede lân dat er jimme jûn hat.'

24

Fernijing fan it ferbûn yn Sichem

¹ Jozua rôp alle stammen fan Israel op om nei Sichem te kommen. Hy rôp de âldsten, famyljehaden, rjochters en liederen fan Israel en sy stelden harren op foar God. ² Doe sei Jozua tsjin it hiele folk: 'Dit hat de HEAR, de God fan Israel, sein: "Oan oare kant de rivier de Eufraat wennen jimme foarâlden: Terach, Abraham en Nachor harren heit, en sy tsjinnen oare goaden. ³ Doe naam ik jimme heit Abraham fan oare kant de rivier en liet him hiel it lân Kanaän trochgean en joech him in soad neikommers. Ik joech him Izaäk. ⁴ Oan Izaäk joech Ik Jakob en Ezau. Oan Ezau joech Ik it berchlân Seir yn besit, mar Jakob en syn soannen giene nei Egypte. ⁵ Ik stjoerde Mozes en Aäron en Ik sloech Egypte mei wat Ik dien haw yn har fermidden en dêrnei haw Ik jim it lân út laat. ⁶ En ik liet jimme foarâlden út Egypte weireizgje en jimme kamen by de see. En de Egyptners jagen harren efternei mei weinen en rutters oan 'e Reidsee ta. ⁷ Doe rôpen sy my, de HEAR oan, en Ik sette tsjusternis tusken jimme en de Egyptners en liet de see oer har komme en har bedekke. Jimme seagen mei eigen eagen wat Ik dien haw yn Egypte. En jimme wennen in lang skoft yn de woestyn. ⁸ Ik brocht jimme nei it lân fan de Amoriten, dy't oan oare kant de Jordaan wennen. Dy fjochten mei jimme en Ik joech har jimme yn hannen. Jimme namen har lân yn besit en Ik haw har foar jimme útrûge. ⁹ Balak, de soan fan Sippor en kening fan Moäb, makke him klear en hy fjochte tsjin Israel. Hy stjoerde boaden en rôp Bileäm, de soan fan Beör, om jimme te ferflokkjen. ¹⁰ Mar Ik woe net harkje nei Bileäm, dat hy seinige jimme en

Ik haw jimme út syn hannen rêden. ¹¹ Jimme stutsen de Jorjaan oer en kamen by Jericho. En de ynweners fan Jericho fjochten tsjin jimme, krekt as de Amoriten, de Perizziten, de Kanaäniten, de Hetiten, de Girgasjiten, de Chiwwiten en de Jebûsiten. En Ik joech harren jimme yn hannen.

¹² Ik stjoerde de hoarnbij foar jimme út en dy ferjage de twa keningen fan de Amoriten. Dat diene jimme net mei jim swurd en bôge. ¹³ Ik haw jimme it lân jûn dêr't jimme neat gjin muoite foar dien hawwe, stêden dy't jimme net boud hawwe, en jimme wenje dêryn. Jimme ite de fruchten út 'e wyngerds en fan 'e olivebeammen dy't jimme net plante hawwe."

¹⁴ No dan, haw ûntsach foar de HEAR en tsjinje him oprjocht en trou. Doch de goaden oan kant dy't jimme foarâlden tsjinne hawwe oan oare kant de rivier en yn Egypte, en tsjinje de HEAR.

¹⁵ En as it jimme net goed taliket om de HEAR te tsjinjen, kies dan hjoed wa't jimme tsjinje wolle: de goaden dy't jimme foarâlden tsjinnen oan oare kant de rivier of de goaden fan de Amoriten yn waans lân jimme wenje. Mar wat my en myn famylje oanbelanget, wy sille de HEAR tsjinje.'

¹⁶ Doe antwurde it folk: 'Wy tinke der perfoarst net oer om de HEAR te ferlitten en oare goaden te tsjinjen! ¹⁷ Want de HEAR, ús God, hat ús en ús foarâlden út it lân Egypte fierd, dat lân fan slavernij, en foar ús eagen dizze grutte wûndertekens dien. Hy hat ús de hiele wei dy't wy giene, bewarre, ek doe't wy troch it gebiet fan 'e folken hinne gien binne. ¹⁸ De HEAR hat alle folken en de Amoriten dy't yn it lân wennen, foar ús ferjage. Ek wy sille de HEAR tsjinje, want hy is ús God!'

¹⁹ Jozua sei doe tsjin it folk: 'Jimme kinne de HEAR net tsjinje, want hy is in hillige God, dy 't gjin ûntrou duldt. Hy sil jimme oertrêdingen en jimme fergripen net ferjaan. ²⁰ Want as jimme God ferlitte en frjemde goaden tsjinje, sil er him omkeare, jimme kwea dwaan en jimme ferneatigje, neidat er jimme goed dien hat.' ²¹ En it folk sei tsjin Jozua: 'Nee, it is de HEAR dy't wy tsjinje sille!' ²² Jozua reagearre: 'Jimme binne jim eigen tsjûgen dat jimme keazen hawwe om de HEAR te tsjinjen.' En sy: 'Wy binne tsjûgen.' ²³ 'No dan: doch de frjemde goaden út jimme fermidden wei en lit jimme hert útgean nei de HEAR, de God fan Israel.' ²⁴ It folk sei tsjin Jozua: 'De HEAR, ús God, sille wy tsjinje en nei syn stim sille wy harkje.' ²⁵ Op dy dei sleat Jozua in ferbûn mei it folk en hy stelde bepalingen en regels foar har op yn Sichem. ²⁶ Jozua skreau dy wurden yn de Tora fan God. Hy naam in grutte stien en hy sette dy dêr del ûnder de terebint yn it hillichdom fan de HEAR. ²⁷ En Jozua sei tsjin hiel it folk: 'Dizze stien sil foar ús in tsjûge wêze, want hy hat alle dingen heard dy't de HEAR tsjin ús sein hat. Hy sil foar jimme in tsjûge wêze, as jimme God net trou binne.' ²⁸ Doe stjoerde Jozua it folk fuort, elk nei syn gebiet.

De dea fan Jozua en Eleäzar

²⁹ Nei dy wurden stoar Jozua, de soan fan Nûn, de tsjinstfeint fan de HEAR; hy wie doe hûnderttsien jier âld. ³⁰ Sy begroeven him op syn eigen erfgoed, yn Timnat-Sêrach, yn it berchlân fan Efraïm, noard fan de berch Gaäsj.

³¹ Israel tsjinne de HEAR, hiel it libben fan Jozua, hiel it libben fan de âldsten dy't Jozua oerlibben, en dy't bekend wiene mei alles wat de HEAR foar Israel dien hie. ³² It biente fan Joazef, dat de Israeliten meinommen hiene út Egypte, begroeven sy yn Sichem, yn it stik lân dat Jakob fan de soannen fan Hemor, de heit fan Sichem, kocht hie foar hûndert jildstikken en dat de Joazefiten as erfgoed hiene. ³³ Eleäzar, de soan fan Aäron, stoar en sy begroeven him yn Gibeä, dat oan syn soan Pinechas jûn wie, yn it berchlân fan Efraïm.